

Produktferslach

Afûk

2016

Bûterhoeke 3
8911 DH Ljouwert
Postbus 53
8900 AB Ljouwert
(058) 234 30 70
www.afuk.nl

Ynhâld

	side
Oersjoch meiwurkers	3
1. Algemien	4
1.1. Fisy en missy fan de Afûk	4
1.2. Provinsjaal belied	4
2. Taaloerdracht	5
2.1. Kursussen foar folwoeksenen	5-6
2.1.1. Toetsing en evaluaasje	6
2.1.2. Untwikkeling en begelieding	6-8
2.1.3. Oersjoch kursisten	9-10
2.1.4. Oersjoch eksamens	11
2.2. De trochgeande learline	12
2.2.1. Pjutton en opfieders	12-15
2.2.2. Foarskoalsk ûnderwiis	16-19
2.2.3. Primêr ûnderwiis	19-22
2.2.4. Fuortset ûnderwiis	22-23
2.2.5. Middelber beropsûnderwiis	23-24
2.2.6. Evaluaasjesysteem Frysk - Grip	24-25
3. Taalpromoasje	26
3.1. Stipepunt	26
3.2. GemeentenenFrysk	26-29
3.3. Oersetburo	29-30
3.4. Missie Meldkamer	30
3.5. Frysk yn it rjochtsferkear	30-31
3.6. Taal yn 'e Soarch	31-32
3.7. Alderein: Dat wie doe sa	32-33
3.8. (Takomstige) âlders mei jonge bern: HEIT&MEM	33-34
3.9. PraatmarFrysk kampanje	34-39
3.10. Lân fan Taal	40-42
4. Kultueroerdracht	43-44
5. Cultural governance	45

Meiwurkers

Koen Eekma	direkteur	100%
Stephan Berger	projektmeiwurker	66,67%
Wim de Boer	haad ûnderwiis	100%
Lisa Boersma	projektkoördinator ûnderwiis	88,89%
Ernst Bruinsma	haad útjouwerij/einredakteur	100%
Tjitske van Dijk	projektmeiwurker ûnderwiis	66,67%
Douwke Douma	projektkoördinator soarch	77,78%
Jan Douwes	projektmeiwurker ûnderwiis	100%
Renske Engbrenghof	meiwurker útjouwerij/winkel	88,89%
Ate Grijpstra	projektkoördinator ûnderwiis	100%
Ida Heddema	meiwurker útjouwerij	55,56%
Hitty van der Hout	meiwurker winkel	51,39%
Sjoukje Jager	projektmeiwurker	55,56%
Fokke Jagersma	projektkoördinator gemeenten	100%
Siegbert de Jong	eksamenorganisator/korrektor	73,90%
Lineke Kuiper	kursusorganisator	100%
Tineke Lemstra	meiwurker finansjele administraasje	66,67%
Dieuwke van der Meer	projektmeiwurker	77,78%
Hermien van der Meer	meiwurker útjouwerij	88,89%
Renske van der Meer	projektmeiwurker	44,44%
Sietske Nadema	meiwurker útjouwerij	22,22%
Ciska Noordmans	projektmeiwurker	72,22%
Carolien ter Schuur	projektkoördinator ûnderwiis	77,78%
Jikke Sikkema	meiwurker finansjele administraasje	22,22%
Nynke Varkevisser	projektmeiwurker	50%
Corry van der Vee	sekretaresse	58,33%
Mirjam Vellinga	haad taalpromoasje	88,89%
Tietja Visser	meiwurker finansjele administraasje	66,67%
Rieneke Weidenaar	meiwurker útjouwerij/winkel	55,56%
Gerda van der Wijk	meiwurker útjouwerij/winkel	77,78%
Sito Wijngaarden	projektmeiwurker multymedia	100%

Stazjêrs

Ytsen Jaarsma
Joukje de Jong
Sietske Zwart

1. ALGEMIEN

1.1. Fisy en missy fan de Afûk

De Afûk wol it Frysk ticht by de minsken bringe. Taal is it meast wêzentlike skaaimerke fan de minske. Mei taal kin in minske syn tinzen en gefoelens ûnder wurden bringe, mei oaren yn kontakt komme en him uterje yn ekspresjefoarmen lykas sjongen, toanielspyljen en skriuwen. Troch de taal is de minske in sosjaal wêzen en in kultuerdrager. Beide aspekten binne fansels ek wichtich as it om de Fryske taal giet: taal as middel foar kommunikaasje en kultueroerdracht.

Taal ticht by de minsken bringe betsjut dan ek dat wy beide aspekten fan de taal brûke wolle. By it learen fan de taal giet it net allinnich om de feardichheden ferstean, lêzen, praten en skriuwen, mar ek om it belibjen fan de taal yn muzyk, toaniel, ferhalen en poëzy. En om it perspektyf noch wat breder te lûken: de ferbining fan de taal yn de sosjale kontekst, it lânskip en de skiednis, as wichtige aspekten fan de Fryske identiteit.

1.2. Provinsjaal belied

De provinsje Fryslân hat yn de yntegrale nota oer kultuer, taal en ûnderwiis *Grinzen oer syn ambysjes* oant en mei 2016 formulearre. Yn ús produktplan hawwe wy safolle mooglik oansluting socht by dat provinsjaal belied. Yn 2016 is it belied fan de nije koalysje dellein yn de beliedsbrieff 'Mei hert, holle en hannen', dy't jildt foar de beliedsperioade 2016-2020.

Om't de Afûk as organisaasje yn de oanrin nei de beliedsperioade 2016-2020 hieltyd mear wurket op basis fan de spearpunten Taalpromoasje, Taaloerdracht en Kultueroerdracht, binne dat ek de haadpunten yn dit jierferslach. De middels dy't wy dêrta brûke binne mei it each op de trije haaddoelen byinoar brocht yn: Stipepunt, Underwiis en Utjouwerij/winkel.

2. TAALOERDRACHT

De Afûk hâldt him al hast njoggentich jier dwaande mei taaloerdracht. Fryske taalkursussen foar folwoeksenen foarmen desennialang de wichtichste poat fan de Afûk. Dêrnêst kaam letter it ûntwikkeljen en útjaan fan lesmaterialen foar it reguliere ûnderwiis. Benammen de lêste tsien jier hat troch de ûntwikkelingen mei ynternet it ûntwikkeljen fan digitaal lesmateriaal in hege flecht nommen. It provinsjaal programma Boppeslach hat dêr de earste oanset ta jûn en it Deltaplan Frysk makket it mooglik dat dêr ek de kommende jierren in ferfolch oan jûn wurde kin. Dit ferslach jout in oersjoch fan de trochgeande learline dy't dêr oant no ta foar ûntwikkele is. Njonken dat digitale aanbod bliuwt lykwols de belangstelling foar de kursussen oerein. Sterker noch, der sit wer groei yn.

2.1. Kursussen foar folwoeksenen

Yn de ôfrûne jierren is it tal kursisten stadichoan wer oprûn. De kursisten dy't yn 2016 in kursus Frysk folge hawwe - sawol Frysktalich as net-Frysktalich - binne wiis mei de struktuer fan kursussen mei tsien lessen. De groepskursussen mei module 1 binne de basiskursussen en kursisten kinne dêrnei kieze foar de ferfolchkursus module 2.

Yn 2016 binne yn totaal 62 groepskursussen hâlden. It totaal is 95, as de bedriuwskursussen, gemeentekursussen, priveekursussen en selsstúdzjekursussen ek meirekkene wurde. It tal kursisten dat in selsstúdzjekursus folget is yn 2016 tanommen en by de gemeentekursussen hawwe mear meiwurkers in kursus Frysk folge, benammen by de Opfryskkursus.

Kursusprogramma

It folsleine kursusprogramma bestie yn 2016 út û.o. groepskursussen, koarte kursussen en workshops.

Cursussen voor niet-Friestaligen

LearmarFrysk 1 en 2; PraatmarFrysk 1 en 2; Spoedkursus Fries; PraatmarRaak; Privécursus; Zelfstudie Fries Verstaan en Lezen mei kursusboeken en/of eduFrysk; Cursus op maat.

Kursussen foar Frysktaligen

SkriuwarFrysk 1 en 2; Frysk & Fryslân 1 en 2; Akte&Didaktyk-oplieding; Literatuer; Skiednis & Literatuer; Selsstúdzje Frysk Skriuwen mei kursusboeken en/of eduFrysk; Taalreis troch Europa; Opfryskkursus; Workshop Frysk Skriuwen.

It kursusseizoen hat twa startmominten, yn jannewaris en septimber. Op oanfraach wurdt in kursus Frysk op in oar momint yn it jier organisearre, mitsdat der minimaal acht dielnimmers binne. De lessen fan de kursussen binne wykliks, mei útsûndering fan de skoaldefakânsjes. De lessen duorje twa oeren en wurde benammen jûns hâlden, fan 19.30-21.30 oere.

De kursussen Frysk wurde meastentiids yn de gruttere plakken yn Fryslân organisearre, b.g. Ljouwert, It Hearrenfean, Drachten, Snits, Dokkum en Frjentsjer.

By alle groepskursussen wurdt troch in diplomearre dosint lesjûn. Nei ôfrin fan de kursus ûntfange kursisten in sertifikaat foar dielnimmen (80%) en súksesfol folgjen fan de kursus.

Dêrneist kinne kursisten dy't de kursussen Skriuwmars Frysk module 1 en 2 folge hawwe meidwaan oan it Fryslân A-eksamen, dat twa kear yn it jier plakfynt.

Taalnivotsjek

Sûnt septimber 2016 stiet de taalnivotsjek online. Minsken dy't in kursus Frysk folgje wolle kinne foarôfgeand oan de kursus harren nivo teste en sa bepale hokker kursus oft it bêste by harren past. Dêrneist kin elkenien dy't witte wol hoe't it mei syn nivo fan it Frysk stiet dy tsjek ek dwaan. Der binne twa testen: ien foar net-Frysktaligen, foar it ferstean, lêzen en praten en ien foar Frysktaligen, foar it Frysk skriuwen. De taalnivotsjek slút oan op it rF, it referinsjeramt Frysk.

2.1.1. Toetsing en evaluaasje

Fryslân A-eksamen

Yn 2016 hawwe de learplankommisje en de eksamenkommisje sjoen nei nije plannen foar it Fryslân A-eksamen. Yn 2017 sil yn jannewaris en april in eksamen hâlden wurde. It eksamen yn septimber is dêrmei kommen te ferfallen (data: 28 jannewaris en 22 april 2017). Foar de takomst sil besjoen wurde oft in digitaal (70%) Fryslân A-eksamen oanbean wurde kin, mei de skriftlike ûnderdielen oersetten en skriuwo opdracht (30%).

LearmarFrysk-toets

Yn 2016 is troch de learplankommisje fêststeld dat in digitale toets foar de net-Frysktalige kursisten ûntwikkele wurde sil. Nei it folgjen fan de kursussen LearmarFrysk module 1 en 2 kin dan in toets oanbean wurde. It tiidpaad is dat de realisaaasje yn 2016 plakfynt en de toets foar it earst oanbean wurde sil yn april 2017.

2.1.2. Untwikkeling en begelieding

Learmiddels

Frysk & Fryslân, module 1 en 2

De B- en de C-kursus wiene nei 2015 oan fernijing ta. Lykas de oare kursussen fan de Afûk binne yn 2016 de B-, C- en Akte-kursus mear yn oerienstimming brocht mei it Europeesk Referinsjeramt. Yn 2015 is ûndersyk dien en wurke oan it gearstallen fan les materiaal foar de nije foarm fan dy kursussen. It resultaat is dat mei in pilot de kursus Skriuwmars Frysk module 3, ek wol Frysk & Fryslân neamd, yn septimber 2015 oanbean is. Yn 2016 is dy foarm evaluatearre en dêr't dat nedich wie oanpast en binne twa kursussen ûntwikkele: Frysk & Fryslân module 1 en Frysk & Fryslân module 2. Frysk & Fryslân module 1 is de kursus dy't fierder ûntwikkele is op grûn fan Skriuwmars Frysk-3. De kursussen besteane beide út tsien lessen en omfetsje de taal, kultuer en skiednis fan Fryslân.

Yn Frysk & Fryslân module 1 is der net allinne omtinken foar de werhelling fan de stavering en de staveringsregels, mar ek foar taaleigen en ynterferinsjes. Tagelyk komt tematysk in grut ferskaat oan aspekten fan de Fryske taal en kultuer oan 'e oarder. Dêr heart in earste oriïntaasje op de Fryske skiednis en de Fryske literatuer by.

Frysk & Fryslân module 2 is in prachtige kursus foar kursisten dy't alles fan 'e taal witte wolle. Der wurdt fierder yngien op de Fryske skiednis en literatuer. Yn 2017 en 2018 sille

beide kursussen ynhâldlik evaluearre en, dêr't dat nedich is, fernijd wurde. Betingst foar dielnimmen is dat de kursist Skriuwmars Frysk 1 en 2 folge hat en mooglik it Fryslân A-diploma helle hat (gjin ferplichting).

Doelstellingen

- Kursisten helje it nivo fan it Europeesk Referinsjeramt B2/C1;
- Kursisten kinne it Frysk geef en op in heech nivo brûke/skriuwe;
- Kursisten witte genôch oer de Fryske skiednis en literatuer om sels fierder te kinnen;
- Kursisten hawwe sa oansluting by kursussen dy't op hbû- en universitêr nivo jûn wurde.

By module 1 giet it benammen om: de tema's globaal oanbiede en sels fierder sykje en studearje. De taal werhelje en nije saken globaal oanbiede en sels fierder sykje en studearje. As it kin mei-inoar beprate en sa oan mear ynformaasje komme.

By module 2 stiet sintraal: twa tema's yngeander oan 'e oarder stelle. De kursisten meitsje harren dy lesstof eigen. Mear is mooglik. Taalsaken oanbiede. Kursisten meitsje hús wurk en leare sa de taal noch better te brûken.

PraatmarFrysk, module 1 en 2

Yn it seizoen 2015-2016 is de PraatmarFrysk-kursus foar it lêst jûn as in lange kursus fan tweintich lessen. Sûnt jannewaris is der wurke mei de nije foarm: twa kursussen, module 1 en 2, mei elk tsien lessen. By dy kursussen is gebrûk makke fan it besteande lesmateriaal. De PraatmarFrysk-kursus wie de lêste kursus dy't noch oan fernijing ta wie as it giet om foarm en ynhâld. Yn 2017 sil nij lesmateriaal foar de beide modulen fan dizze kursus ûntwikkele wurde.

Workshop Frysk skriuwen

In nije foarm yn it aanbod is de workshop Frysk skriuwen. De workshop is tige geskikt foar redaksjeleden fan doarpskranten en -websiden. De workshop duorret op syn meast trije oeren. Underdielen fan de workshop binne: de staveringswizigingen (fan 2015); in diktee en it skriuwen fan in tekst. En dêrneist taaleigen, mei stikjes bygelyks út de doarpskranten. As ôfsluting in ûnderdiel mei sprekwurden en in kwis. En fansels geane de kursisten nei hûs mei in protte tips.

Selsstúdzjekursussen

It aanbod fan de selsstúdzjekursussen is yn 2016 fernijd. Yn de kommunikaasje binne saken feroare, op de webside is in helder en transparant aanbod te finen dat, mei troch ynternet en social media, tagonklik makke is foar elkenien. De drompel om mei it Frysk oan 'e slach te gean is sa ferlege en dat is ek oantrekliker makke, mei troch de prizen foar it digitale learoanbod mei eduFrysk.

Selsstúdzje kin ek in opstap wêze nei it folgjen fan in groepskursus. Sa kin bygelyks, as dat winske wurdt, module 1 mei thússtúdzje dien wurde. Kursisten streamme dêrnei makliker yn yn in ferfolchkursus (module 2), as dat yn de tiid fan it jier foar de kursist better útkomt en winsklik is.

It beskikber stellen fan eduFrysk foar streektalen

De provinsje wol it streektalbelied ferbreedzje en diel útmeitsje litte fan de streekaginda's. De ekspertize dy't de Afûk opdien hat mei eduFrysk wolle wy graach beskikber stelle foar streektalen yn Fryslân.

Yn de twadde helte fan 2014 is der in database foar eduBildts klearset, mei in eigen interfacetaal. Der binne trije workshops foar materiaalmakers holden om te wurkjen mei de ynfierkant fan eduBildts. Yn 2016 hat it Biltsk stipe krigen. Leden fan Stichting Ons Bildt hawwe dwaande west mei it ûntwikkeljen fan in kursus Bildts foar Bildtstaligen en in kursus Bildts foar niet-Bildtstaligen.

Foar it Hylpersk binne yn 2016 ferskillende projekten úteinset dêr't de Afûk in rol yn hat. Yn oparbeidzjen mei in wurkgroep binne de earste stappen set foar it sammeljen en digitalisearjen fan it besteande Hylper lesmateriaal foar it basisûnderwiis. Dêrneist binne projekten oanfrege foar it oersetten fan Fryske games nei it Hylpersk (gameFrysk taalspultsjes) en it meitsjen fan in Hylper app yn gearwurking mei de NHL Hogeschool.

2.1.3. Oersjoch kursisten 2013-2016

1. Groepskursussen	tal kursisten			
	2016	2015	2014	2013
1.1 net-Frysktaligen				
learmarFrysk - module 1	170	146	139	88
learmarFrysk - module 2	45	82	45	
praatmarFrysk (20 lessen)	27	35	35	36
praatmarFrysk - module 1	47			
praatmarFrysk - module 2	35			
praatmarRaak - conversatiecursus	7	10	9	10
spoedcursus - Fries verstaan, lezen en/of spreken	5	20	16	5
cursus op maat - cursus Fries voor de rechtspraak	17			18
basiskursus <i>Fries verstaan en lezen</i>				
ferfolchkursus <i>Fries spreken</i>		5		1
yntinsive kursus <i>Fries verstaan, lezen en spreken</i>				9
basiskursus <i>Frysk op it wurk</i>		8	20	23
subtotaal 1.1	353	306	264	190
1.2 Frysktaligen				
skriuwmarFrysk - module 1	153	105	114	131
skriuwmarFrysk - module 2	63	70	86	30
skriuwmarFrysk - module 3	5	22		
Frysk & Fryslân - module 1 (<i>ferwachte yn 2017</i>)				
Frysk & Fryslân - module 2	15			
skriuwkursus redaksjeleden doarpskranten	24			20
opfryskkursus	79	27		9
leargong A				
leargong A+				
leargong B			9	11
leargong C		5	3	6
literatuer	17	18	18	19
skiednis/literatuer	16	15	12	12
akte&didaktykopliding by de NHL	6			
didaktyk en eardere Afûk-akte		4	3	2
workshop Frysk skriuwen	5			
skriuwkursus maile en sms'e yn it Frysk				
pilot SkriuwmarFrysk - module 2				
sjoernalistyk skriuwen		4		10
skriuwkursus pedagogysk meiwurkers foarskoalsk (SFBO)	21	38	11	20
subtotaal 1.2	404	308	256	270
subtotaal 1	757	614	520	460

	2016	2015	2014	2013
2. Kursussen selsstúdzje				
learmarfrysk - module 1 verstaan en lezen	52			
learmarfrysk - module 2	5			
skriuwmarFrysk - module 1 skriuwen	38	21	19	15
skriuwmarFrysk - module 2	7	13	5	6
basiskursus <i>Fries verstaan en lezen</i>		7	10	9
leargong A				1
leargong B			5	6
leargong C	1		2	
2.1. eduFrysk - online zelfstudie Fries				
ien jierabonnemint op eduFrysk	31	n.f.t.	n.f.t.	57
2.2. Taalreis troch Europa – online Frysk skriuwen				
ien jierabonnemint foar Fryske stavering en grammatika	45	92		
subtotaal 2	179	133	41	94
Totaal oantal kursisten yn 2016: 1 + 2 = ynklusyf 3	936	747	561	554
3. Bedriuwen/legere oerheden/ynstellingen	2016	2015	2014	2013
Provinsje Fryslân	12		24	23
Fryske Akademy	8			
Nederlands Letterenfonds	5			
Omrop Fryslân	8			
Gemeente Achtkarspelen	3+6+8		10	9
Gemeente Dantumadiel	3	5		
Gemeente De Fryske Marren	28+9+26+12		17	
Gemeente Dongeradiel	1+5+6		10	21
Gemeente Ferwerderadiel	2			
Gemeente Kollumerlân		10	17	
Gemeente Littenseradiel		10		9
Gemeente Ljouwert		25		
Gemeente Súdwest-Fryslân	10	23	22	13
Gemeente Tytsjerksteradiel	3			1
Politie Noord-Nederland			13	
Arrondissementsparket Noord-Nederland	17			18
Kursus op maat (bedriuwskursussen)		59	11	
Skriuwkursus pedagogysk meiwurkers foarskoalsk (SFBO)	21			
Universiteit van Amsterdam	7			
totaal 3	200	132	124	94
Eksamens: Fryslân A-eksamen en Fryslân C-eksamen	63	99	87	35

2.1.4. Oersjoch eksamens

Fryslân-diploma's

De neifolgjende eksamens binne ôfnommen mei dêrefter it tal slagge en tusken heakjes it tal sakke kandidaten:

	2013	2014	2015	2016
NF	20 (3)	11 (5)	13 (0)	0 (0)
A	33 (11)	43 (11)	59 (20)	44 (15)
B	6 (1)	7 (0)	5 (0)	0 (0)
C	1 (0)	5 (0)	3 (2)	4 (1)
Frysk yn it offisjele ferkear	0 (0)	0 (0)	0 (0)	0 (0)
Akte	1 (0)	2 (0)	2 (0)	0 (0)
Didaktysk foech	0 (0)	3 (0)	0 (0)	0 (0)

	61 (15)	71 (16)	82 (22)	48 (16)

It tal A+ en NF 1-sertifikaten dat útrikt waard, wie:

	2013	2014	2015	2016
NF 1	30	6	4	-
A+	-	-	-	-

Skoaleksamens

Hjirûnder de resultaten fan de lêste fiif jier:

	2012	2013	2014	2015	2016
skoallen	63	71	52	69	65
learlingen	1241	1291	1055	1304	1142
A-diploma's	522	619	384	703	486
B-diploma's	581	554	564	494	503

2.2. De trochgeande learline

De Afûk hat tal fan aktiviteiten en produkten (mei) ûntwikkele foar de trochgeande learline yn it Frysk yn in meartalige kontekst, dy't sawol in plak hawwe yn it reguliere ûnderwiis, de foarskoalske edukaasje as dêrbûten, te witten:

- Taaltaske
- Tematydskriften heit&mem
- Tomke
- Boppeslach foarskoalsk ûnderwiis
- Boppeslach primêr ûnderwiis: Studio F digitaal
- Boppeslach fuortset ûnderwiis: freemwurk.nl
- Learlingfolchsystem en metoadeûnôfhinklike toetsing.

Hjirnei wurdt in oersjoch jûn hoe't dy in plak krigen hawwe yn de trochgeande learline.

2.2.1. Pjutton en opfieders

Taalkado

Alders krije by de oanjefte fan harren bern op it gemeentehûs in Taalkado mei ynformaasje oer meartalich opfieden. It Taalkado is in inisjatyf fan Provinsjale Steaten en wurdt útfierd troch de Afûk. Sjoch op side 34 foar mear ynformaasje.

Tematydskriften heit&mem

De Afûk bringt twaris jiers in tematydskrift foar âlders mei jonge bern út ûnder de namme heit&mem. Yn it Taalkado is in spesjale *lytse* heit &mem opnommen, dy't benammen foar nije âlders nijsgjirrich is. Oan heit&mem is ek in webside ferbûn. Sjoch foar mear ynformaasje oer heit &mem op side 34 en fierder.

Tomkeprojekt

It tema fan Tomke yn 2016 wie 'Talinten'. Dat betsjut dat alle mooglike talinten as kapstok brûkt binne foar de ferhalen yn de Tomke-boekjes en alle oare aktiviteiten. Lykas yn foargeande jierren binne der binnen it Tomke-projekt trije ynfalshoeken te ûnderskieden, ntl. aktiviteiten foar en mei pjutton, aktiviteiten foar en mei opfieders (âlden en professionals) en it ûntwikkeljen fan materiaal foar in meartalige omjouwing yn de foarskoalske perioade.

Aktiviteiten foar en mei pjutton

- De Fryske Foarlêswike
- Tomke yn de biblioteken
 - Nationale Voorleesdagen
 - Tomke-Toer; poppekast
 - Mei Tomke op de foto
- Tomke op 'e telefyzje
- Tomke-radio

De Fryske Foarlêswike

Begjin juny is it foarlêsbokje 'Dat hast goed dien, Tomke!' ferskynd. It boekje waard foarlêzen en fergees útdield yn de Fryske Foarlêswike. Yn de perioade fan 6 o/m 10 juny 2016 waard yn 368 bernsintra, ferspraat oer 21 gemeenten, foarlêzen. De measte bernsintra hawwe mear as ien groep. Mei-inoar is dêrmei oan 737 groepen foarlêzen. Yn in protte gemeenten wie it resultaat 100%, dat wol sizze dat alle bernsintra meidien hawwe. Ek is der by 568 gastâlden foarlêzen.

Yn 2016 is foarlêzen oan goed 12.500 pjutten, ynklusyf 540 'ukken' yn de Stellingwerven. It Selskip foar Fryske Tael en Skriftekennisse organisearre it foarlêzen en it útdielen fan de Tomke-boekjes yn de Fryske Foarlêswike. Om it foarlêzen mooglik te meitsjen wiene mar leafst 520 entûsjaste foarlêzers aktyf (en 568 gastâlden). In team fan fyftich kontaktpersoanen keppele yn elke gemeente de foarlêzers oan de ferskillende lokaasjes.

Tomke yn de biblioteken

Fan it begjin fan it Tomke-projekt ôf binne de Fryske biblioteken behelle yn it Tomke-projekt. Tusken it geweldich grutte Nederlânsktalige oanbod fan de lanlike programma's hat Tomke yn de biblioteken syn eigen plakje fûn. By ferskate aktiviteiten foar de foarskoalske perioade waarden Tomke-materialen brûkt en/of útdield.

Op de Nationale Voorleesdagen yn jannewaris 2016 koene de pjutten mei harren âlden of pakes en beppes yn de bibliotek it boekje 'Tomke betinkt in ferhaaltsje' ophelje. Der waarden mar leafst 5.550 útdielboekjes fergees ferspraat. By dy aksje waarden âlden ynformearre oer meartalich grutbringen en de mooglikheid om bern oant 18 jier fergees lid te meitsjen fan de bibliotek.

Yn de moannen maaie o/m septimber hat de Tomke-Toer plakfûn. Diskear gong it om in poppekastfoarstelling, wêrby't poppekastspiler Eric Postma mei in spesjale Tomke-poppekast by de biblioteken del gie. Yn mar leafst tritich biblioteken hat in foarstelling west.

Yn de Fryske Foarlêswike waard it Tomke-boekje 'Dat hast goed dien, Tomke!' ek yn de biblioteken oan de jongste besikers útdield. Boppedat waard yn dy perioade troch alle bibliotekklusters de aktiviteit 'Mei Tomke op de foto' organisearre. Dêr waarden libbensgrutte Tomke-kostúms mei in heech 'aiberheidsgehalte' foar ynset. Sawol troch de bern as harren âlden waard dy aktiviteit tige wurdearre. Fansels waard der ek in protte foarlêzen.

Tomke op de telefyzje

Foar de telefyzje waarden achttjin nije Tomke-ferhaaltsjes skreaun troch Riemkje Pitstra en Auck Peanstra. Luuk Klazenga fersoarge de yllustraasjes en de stimmen waarden ynspurtsen troch Tamara Schoppert en Douwe de Bildt. Feije van der Meer fan Omrop Fryslân fersoarge de opnamen en hie de einredaksje yn hannen. De nije Tomke-ôfleveringen waarden útstjoerd yn en om de Fryske Foarlêswike hinne. Yn de rest fan it jier wiene alle wykeinen (yn it programma Tomketiid) werhellings fan de Tomke-ôfleveringen te sjen by Omrop Fryslân. Tomketiid is in programma foar pjutten mei Tomke yn de haadrol.

Tomke-radio

Sûnt oktober 2015 is Tomke-radio aktyf. Fan dat momint ôf is Tomke-radio alle dagen beskikber. De hiele dei binne der sawol ferskes as ferhaaltsjes te hearren. Moarns ferskes en ferhaaltsjes foar de lytste bern en middeis ferskes en ferhaaltsjes foar de wat gruttere bern. En om bêdtiid hinne binne in oere lang ferhaaltsjes te hearren. Tomke-radio is te finen by Omrop Fryslân, fia de site www.tomke.nl en fia de sites fan de Fryske biblioteken.

Poppekastfoarstelling Tomke en de taartfûgel

De poppekastfoarstelling ‘Tomke en de taartfûgel’ is skreaun troch Riemkje Pitstra. Yn it ferhaal spylje Tomke en syn freonen fansels de haadrol. Tomke hat syn jierdei en by in jierdei heart fansels in taart. Mar der ferdwine hieltyd stikjes fan de taart. Wa docht dat? Is der in dief yn 'e buert? Tomke, Romke en Kornelia geane op boevejacht. De poppekastfoarstelling waard troch Eric Postma fan Erics Poppenkast fan De Lemmer spile. De foarstelling duorre likernôch tweintich minuten en is bedoeld foar pjutten en beukers. De foarstelling hat yn tritich biblioteken te sjen west.

Ynformaasjeoarsjenning en materialen foar professionals

Tomke-nijsbrief

De nijsbrief foar professionals ferskynde yn 2016 twa kear. De nijsbrief waard yn in oplage fan 1.250 stiks ferstjoerd nei alle bernsintra en de jeugdkonsulinten fan de biblioteken. De nijsbrief ynformearre harren oer aktiviteiten, nije materialen en oare saken oangeande Tomke en foarskoalske ûnderwerpen.

Tomke-ynspiraasjejûnen

Op 21 septimber wie de jierlikse ynspiraasjejûn foar pedagogyske meiwurkers fan bernsintra en oare professionals. De ynspiraasjejûn is in ûnderdiel fan de aktiviteiten fan de Tomke-wurkgroep. De einferantwurdlikheid wie yn hannen fan Cedin. Fanwege it 20-jierrich bestean fan Tomke hie de jûn in feestlik karakter. It tema fan de jûn wie ‘Doch mear mei Tomke’. Nei in lêzing fan Sherrill Woldberg oer it pjuttebrein wiene der noch trije workshops (De kleine kapitein, Interactief met taal en prentenboeken, Jonge bern en taaldrompels). Ek waard it nije Tomke-materiaal – Doch mear mei Tomke – presintearre.

De jûn waard posityf wurdearre troch de fyftich besikers.

Doch mear mei Tomke

Yn 2016 hat de Afûk nij VVE-materiaal ûntwikkele mei de titel ‘Doch mear mei Tomke’. Dat wurdt by it part ‘Taalstimulearring foarskoalsk ûnderwiis’ fierder taljochte.

Materialen foar pjutten en opfieders

- Tomke-boekje ‘Tomke betinkt in ferhaaltsje’
- Tomke-boekje ‘Dat hast goed dien, Tomke!’
- Tomke-poster
- Heit & mem

Tomke-boekje ‘Tomke betinkt in ferhaaltsje’

Op de Nationale Voorleesdagen yn jannewaris 2016 waarden troch de biblioteken 5.550 eksimplaren fan it boekje ‘Tomke betinkt in ferhaaltsje’ fergees útdield oan de jongste bibliotekbesikers. It boekje bestie út in ferhaal, in opsiferske en in spultsje. Diskear wie

Riemkje Pitstra de skriuwster. Luuk Klazenga fersoarge de yllustraasjes.

Tomke-boekje 'Dat hast goed dien, Tomke!'

Yn de Fryske Foarlêswike is it Tomke-temaboekje útdield. It foarlêsbboekje ferskynde yn in Frysktalige, in Stellingwerfske en in Biltske ferzje mei fjouwer ferhaaltsjes en twa stripferhalen. Boppedat hie it foarlêsbboekje wer in protte yllustraasjes, opsisferskes, lietsjes, spultsjes, in praatplaat en in kleurplaat. Der wie ek ynformaasje yn opnommen oer it Tomke-projekt, Fryske printeboeken en oare media. It 28 siden tellende boekje waard foarm jûn yn de karakteristike Tomke-styl troch Monique Vogelsang. Krekt as foarhinne soargen de skriuwsters Auck Peanstra en Riemkje Pitstra foar de ferhaaltsjes. De lietsjes en ferskes wiene fan Geartsje Douma. De yllustraasjes waarden fersoarge troch Luuk Klazenga en Linda de Haan.

It Tomke-boekje ferskynde begjin juny en waard fergees distribuearre fia it netwurk fan de biblioteken en konsultaasjeburo's. It grutste part waard útdield troch de foarlêzers yn de Fryske Foarlêswike. De oplage wie foar de Fryske ferzje 27.250 eksimplaren, 1.000 foar it Stellingwerfsk en 600 foar it Biltsk.

Tomke-poster

De Tomke-poster, mei dêrop de yllustraasje fan de foarkant fan it Tomke-boekje, makke wer diel út fan it oanbod. Dit jier waarden de posters ek wer ophongen yn biblioteken, bernesintra, wachtkeamers, konsultaasjeburo's, gemeentehuzen en buerthuzen. Boppedat hawwe de bernesintra dy't meidien hawwe oan de Fryske Foarlêswike yn oparbeidzjen mei it Selskip foar Fryske Tael en Skriftekennisse in úttearposter krigen dy't oansleat by it Tomke-temaboekje.

Tomke 20 jier

Tomke hat yn 2016 syn 20-jierrich bestean fierd! Fan 19 o/m 24 septimber hawwe der allerhanne aktiviteiten om Tomke hinne west.

Spesjaal foar it 20-jierrich bestean dielden alle Fryske biblioteken yn dy wike it Tomke-boekje 'In dei mei Tomke' út: in boekje mei moaie aventoeren fan Tomke en in cd mei mar leafst alve lietsjes en twa opsisferskes. It ferhaaltsje is skreaun troch Geartsje Douma, de yllustraasjes binne makke troch Luuk Klazenga en de foarmjouwing wie yn hannen fan de BSF. De tekst en de muzyk fan de lietsjes op de cd binne ek fan Geartsje Douma. Yn de feestwike binne 10.000 boekjes útdield.

Yn de feestwike wie der ek fan alles te dwaan en te winnen op de website (www.tomke.nl) en de Facebook-site (facebook.com/tomkepagina) fan Tomke.

Omrop Fryslân hat fan 19 o/m 23 septimber alle dagen fan 9.00 – 13.00 oere en fan 16.00 – 17.00 oere Tomke-ferhaaltsjes útstjoerd. It wiene bysûndere ôfleveringen, want it gong om kompilaasjes út de begjinjierren fan Tomke, makke troch Feije van der Meer.

De Tomke-ynspiraasjejûn op 21 septimber hie ek in feestlik karakter.

2.2.2. Foarskoalsk ûnderwiis

Yn 2007 stelde de KAG-Foarskoalsk yn it fisystik 'Alles út 'e kast' (KAG-Foarskoalsk, 2007) syn fisy en wurkdoelen op foar it stimulearjen fan meartaligens yn it generaal en de Fryske taal yn it bysûnder. Yn 2012 ferskynden in evaluaasjenota fan de aktiviteiten dy't ûndernommen binne yn it ramt fan it fisystik en in fuortgongsnotysje foar de perioade 2012-2015. As ferfolch dêrop is it ambysjedokumint 'Taalryk foarskoalsk Fryslân' (KAG-Foarskoalsk, 2015) opsteld. Yn dat dokumint, dat de perioade 2015-2018 beslacht, wurdt troch de Afûk en de gearwurkjende partijen foar de kommende jierren ynset op saken lykas foarljochtings- en stypjende aktiviteiten, de trochgeande line nei it primêr ûnderwiis en multymediaal materiaal foar pjutteboartersplakken, bernedeiferbliuwen en ek foar âlders/bern. Deputearre Steaten hawwe it ambysjestik foar kundskip oannommen en ynstimd mei de rjochting dy't yn it stik oanjûn is en oanslút by it koällysje-akkoart 2015-2019 'Mei elkenien foar elkenien'. It foarlizzende produktplan 'Taalstimulearring yn de foarskoalske perioade (VVE) 2016-2019' omfettet de aktiviteiten dy't opnommen binne yn it ambysjestik fan de KAG-Foarskoalsk en troch de Afûk binnen de ôfdieling Foarskoalsk (VVE) útfierd wurde.

Doelen en doelgroepen

Doel: taalstimulearring yn de foarskoalske perioade (VVE = Voor- en Vroegschoolse Educatie) 2016 o/m 2019.

Algemien doel:

- Ynformearje oer meartalich grutbringen
- In goede taalomjouwing stimulearje

Spesifyk doel foar âlden yn de foarskoalske perioade:

Ynformearje oer meartalich grutbringen en brûkber en oantreklik materiaal oanbiede om thús in goede taalomjouwing te stimulearjen.

Spesifyk doel foar professionals yn de foarskoalske perioade:

Stimulearje om aktyf mei taalbelied dwaande te bliuwen troch te ynformearjen oer it meartalich grutbringen fan bern en troch brûkber en oantreklik materiaal oan te bieden.

Doelgroep: alle âlden en professionals yn Fryslân dy't te krijen hawwe mei bern yn de foarskoalske perioade.

De aktiviteiten besteane út:

- it oanbieden fan foarljochtingsaktiviteiten en -materialen oer mooglikheden op it mêd fan meartaligens oan de neamde doelgroepen en
- it ûntwikkeljen en oanbieden fan materialen, programma's en ICT-tapassingen fia ynternet en oare multymedia yn de foarskoalske perioade.

Gearwurkingspartners binnen de KAG-VVE binne:

Bibliotheekservice Fryslân, Cedin, Sintrum Meartaligens, Sintrum Frysktalige Berne-opfang, GGD Fryslân, Partoer, ROC Friese Poort en ROC Friesland College, Tomke-wurkgroep.

Oare gearwurkingspartners binne:

Omrop Fryslân en projekten binnen de Afûk mei aktiviteiten op itselde mêd (heit&mem, Taalkado, GemeentenenFrysk, útjouwerij Afûk, winkel Afûk, PraatmarFrysk kampanje, primêr ûnderwiis).

Foarljochtings- en stypjende aktiviteiten

Folder 'Talen kleuren je leven'

Algemien: de yn 2014 fernijde folder 'Talen kleuren je leven' is opnommen yn it Taalkado. De folder rjochtet him no ek mear op twatalige gesinnen. Fersprieding fan de folder fynt plak fia it Taalkado, mar ek fia foarljochting by sikehuzen, it SFBO en fia mailingen. Dêrneist wurdt oansluten by aktiviteiten fan û.o. KAG-VVE leden en oare geskikte eveneminten, lykas Kulturele Haadstêd 2018. Yn 2016 is fan de folder in nije oplage printe.

Foarlêsgids

Algemien: sûnt 2013 is der alle jierren in 'Heit&mem-foarlêsgids' útbrocht. Dy gids foar âlden befettet ynformaasje en tips oer meartalichheid, taal- en lêsbefoarding. Yn 2016 is de gids fan 2015 evaluearre. Dêrútwei is besletten om in nije gids te meitsjen mei de nijste Fryske boeken en tips oer meartalichheid en taal- en lêsbefoarding. De gids wurdt by ferskate gelegenheden presintearre en aktyf troch de bibliteken ferspraat.

Tomke-website

De Tomke-website (ek te brûken op in tablet) wurdt troch de bank troch 1.000 unike besikers yn 'e moanne besocht. De website bestiet út spultsjes, lietsjes en ferhalen foar de bern en ynformaasje foar âlden en professionals en rjochtet him op taal- en lêsbefoarding. Hy wurdt kontinu by de tiid holden en de ynhâld fan bygelyks spultsjes, ferhalen, kleurplaten, wurkblêden en taalaktiviteiten wurdt geregeld oanpast oan tema's dy't passe by de tiid fan it jier en tema's dy't brûkt wurde op bernesintra. Fia de website wurde digitale nijsbrieven ferstjoerd nei sa'n 500 e-mailadressen en is der nijs oer Tomke te finen. Fia de Tomke-Facebookpagina krije goed 2.400 minsken geregeld nije berjochten fan Tomke. De Pinterest-site fan Tomke hat sa'n 200 folgers.

Tomkejubileum 20 jier

Algemien: sûnt 2013 wurde saneamde 'Tomkemoarnen mei foarstelling' organisearre, in kombinaasje fan in Tomkehânpop-foarstelling en it leechdrompelich ynformearjen oer taaloanbod en meartalich grutbringen. Dy foarstellingen, dy't ek âlders en bern berikke dy't wat minder gau yn oanrekking komme mei it Frysk, wurde ynhierd troch bernesintra en bibliteken en binne sûnt 2013 op jierbasis sa'n tachtich kear spile.

Yn 2016 bestie it Tomkeprojekt tweintich jier. Dat jubileum is oangrepen om safolle mooglik opfieders te berikken, sa mooglik noch mear as mei de Tomkemoarnen. Yn stee fan de 'Tomkemoarnen mei foarstelling' hawwe dêrom troch it hiele jier hinne ferskillende aktiviteiten plakfûn. Dêrby is ek de groep bern en âlders en profesjonele opfieders, lykas gastâlders en de bernesintra yn de stêden, berikt, dy't minder gau yn kontakt komme mei lê- en taalstimulearring yn it Frysk. De Afûk en de BSF hawwe tegearre dwaande west mei it organisearjen fan in oare, nije poppekastfoarstelling, dy't fia de BSF oanbean is yn it hiele jier 2016.

Aktiviteiten Tomkejubileum 20 jier:

It hiele jier: oandacht en aksjes mei presintsjes op website, Facebook, Pinterest en fia (digitale) nijsbrieven. Tomkemûntsjes fia bibleteken en kontakten.

Hjirûnder in oersjoch fan de ekstra 'Tomke 20 jier'-aktiviteiten. De basisaktiviteiten fan Tomke binne opnommen by it part 'Tomke'.

April/maaie:

- Lansearring Tomkefoarlêsboek mei 24 foarlêsfêrhalen
- Presintaasje boek yn tydskrift heit&mem
- Pagina oer Tomke 20 jier yn tydskrift heit&mem
- Tomke-nijsbrief

Septimber: 19 o/m 24 septimber Tomke feestwike mei ferskate aksjes, û.o.:

- Fergees Tomkeútdielboekje mei cd foar de bern fia de bibleteken
- Lêsbrief by útdielboekje foar bernsintra en gastâlders

Panel jonge âlders

SFBO en Afûk wurkje yn oparbeidzjen mei oare partners, lykas de Fryske Akademy, oan it opsetten fan in panel fan jonge âlders. It panel sil ynset wurde om de brûkberheid en effektiviteit fan advizen en (ynformaasje)materiaal op it mêd fan meartalich grutbringen te ûndersykjen. De projektlieding en útfiering fan it ûnderdiel konsultaasjeburo's binne yn hannen fan it SFBO, yn gearwurking mei de ôfdielingen VVE en Soarch fan de Afûk. Mear ynformaasje is te finen by it part 'Taal yn 'e soarch, (takomstige) âlders mei jonge bern: HEIT&MEM'.

De trochgeande line

Foar bern dy't in twatalige foarskoalske foarsjenning besocht hawwe is it tige oan te rikkemedearjen dat der op 'e basisskoalle ek rom omtinken jûn wurdt oan it Frysk. Foaral bern dy't thús gjin Frysk hearre, rinne oars it risiko om de basisfeardigens dy't se opdien hawwe yn dy taal wer kwyt te reitsjen. Mar ek by fan hûs út Frysktalige bern komt it foar dat se op fiifjierrige leeftyd harren memmetaal 'kwytreitsje'. Foaral yn stêden en de gruttere plakken spilet dat. De KAG hat dêrom yn de foarrige nota pleite om de posysje fan it Frysk yn dy plakken te fersterkjen (ambysjistik 'Taalryk Fryslân').

Yn 2016 is it by Nederlânske metoaden oanslutende VVE-taalstimulearringsmateriaal foar bernsintra en gastâlders 'Doch mear mei Tomke' (sjoch hjirûnder) ûntwikkele, útfierd en ymplementearre. Yn de ûntwikkeling fan dat materiaal is gebrûk makke fan it referinsjeramt Frysk (rrF). Dat rrF jout in oersjoch foar de trochgeande learline Frysk foar de ferskillende domeinen, lykas Harkjen, Praten en Yn petear. Ek foar it VVE jout dat rrF in kader foar it wurkjen nei A1 en foar guon bern nei A2. Troch gebrûk te meitsjen fan it rrF is der in bettere oansluting foar de bern, as sy nei groep 1 fan it primêr ûnderwiis geane. Dêrneist slút it materiaal oan by de tema's en it oanbod fan Spoar 8 foar groep 1/2.

Doch mear mei Tomke

Yn 2016 hat de Afûk nij VVE-materiaal útbrocht mei de titel 'Doch mear mei Tomke'. It materiaal jout suggestjes foar aktiviteiten oan liedsters, sadat sy op ienfâldige wize mei de bern mei it Frysk oan 'e slach kinne. Handich dêrby is dat de tema's en aktiviteiten oanslute

by de Nederlânske metoaden 'Uk en Puk' en 'Piramide'. Al pratende-, lêzende-, sjongende-, dûnsjende-, boartsjende- en nifeljendewei wurdt oan de hân fan tolve tema's de taalûntwikkeling fan bern stimulearre, mar likegoed ek de emosjonele, sosjale en motoaryske ûntwikkeling. By elk tema is in apart ûnderdiel opnommen foar poppen en krobben (bern fan 0-2 jier).

Oare materialen

Om de pedagogyske meiwurkers geregeld nije prikel en stimulânsen te bieden wurde der geregeld nije materialen ûntwikkele en tastjoerd. De materialen slute oan by besteande aktiviteiten, sawol op Frysk as Nederlânsk mêd. Sa hawwe de bernsintra dy't meidogge oan de Fryske Foarlêswike yn oparbeidzjen mei it Selskip foar Fryske Tael en Skriftekennisse wer in moaie úttearpster krigen dy't oanslút by it fergeze Tomketemaboekje. Dêrneist hawwe se in ekstra lesbrief mei poster by it Tomketemaboekje krigen. En yn desimber 2016 hawwe de bernsintra in les-/lêsbrieff mei poster krigen by it boekje 'De kleine walvis'. Dat Nederlânske boek stie yn 2017 sintraal by it lanlike foarlêsjeprojekt foar bernsintra en primêr ûnderwiis 'De Nationale Voorleesdagen', dat altyd plakfynt yn jannewaris. Mei tastimming fan de útjouwer hawwe wy in Fryske oersetting fersoarge as tekst yn de lesbrief en download op de websiden fan Tomke en heit&mem.

Yn 2016 is ek úteinset mei it sammeljen fan lietsjes en opsisferskes út alle Tomketemaboekjes fan de ôfrûne tweintich jier. Dêr wurdt in bondeling fan makke en dy sil in 2017 as ôfsluting fan it Tomkejubileumjier tastjoerd wurde nei alle bernsintra. Der komme in soad positive reaksjes op it materiaal en it slút goed oan by it ferlet fan it wurkfjild.

(Multimedia)materiaal foar âlders/bern/bernesintra

Neist de Tomkewebsite mei materialen foar âlders, bern en bernsintra is der ek de Tomke-app. Dy app is geskikt foar de tablet. De Tomke-app is fergees en beskikber foar de iPad en foar Android. De app is bedoeld foar pjutten en bestiet út seis Tomke-boekjes op rym. De bylden bewege en it ferhaal wurdt foarlêzen. Nei elk ferhaal kin it bern in spultsje dwaan. Foar de promoasje fan de Tomke-apps en ek alle oare apps lykas 'It grutte foarlêsbboek', 'Lytskes' en 'Hantsjes yn 'e hichte' is in nije flyer makke. Dy wurdt aktyf útdield, ek fia de bibleteken.

2.2.3. Primêr ûnderwiis

Yn de ôfrûne jierren is wurke oan in digitale ferzje fan *Studio F*. Doel wie om ta in oantreklik edukatyf platfoarm te kommen dat gebrûk makket fan de nijste media (lykas tablets en digibuorden), mei oandacht foar persoanlike learrûtes en romte foar effektive taalgames. Om ta in moai, fleksibel, útnûgjend en wurkber pakket oan (metoade)materialen te kommen is gearwurke mei ferskate partijen, lykas Cedin, de learare-opliedingen, taalkoördinatoaren, dosinten en skoalbestjoeren, yn de foarm fan wurkgroepen.

De útkomsten út dy wurkgroepen hawwe de basis foarme foar de ûnderskate farianten sa't dy no brûkt wurde. De farianten mei-inoar foarmje de metoade Spoar 8. Der is yn de wurkgroepfaze fuortdaliks al wurke oan it digitale systeem, de learlinen, it digitalisearjen fan materialen, it ûntwikkeljen fan nije en it oanpassen fan besteande materialen.

Dat wurk is trochset yn 2016. Ek stie yn 2016 de pilot sintraal. Yn it skoaljier 2015-2016 binne

de ferskillende farianten fan de metoade test troch learkrêften út it fjild. Alle pilots binne begûn mei in workshop foar de dosinten, dy't plakfûn yn Tresoar. Yn dy workshops waard mei de learkrêften de oanpak besprutsen. Nei de workshop koene de learkrêften mei de metoade oan 'e slach yn harren klasse. Yn de moannen dêrnei binne kollega's fan Afûk en Cedin nei alle pilotskoallen ta gien om te sjen hoe't de nije metoade brûkt waard en wat de ûnderfiningen fan de dosinten wiene. Fia de skoalbesites, mails, kommentaar-opsje yn eduFrysk, ynterviews en in ôfslutende refleksjegearkomste hawwe wy as metoadeûntwikkelders brûkbere feedback ûntfongen. Op basis fan de pilots binne de farianten fan Spoar 8 oanpast en klearmakke foar it skoaljier 2016-2017.

Yn de rin fan it pilotjier is de namme fan de nije digitale metoade foar it Frysk betocht. De opfolger fan Studio F waard Spoar 8. De 8 stiet foar de acht groepen yn it basisûnderwiis. It wurd 'Spoar' jout oan dat der net ien rûte is om de Fryske taal te learen, mar dat der in hiel soad spoaren binne om fan A nei B te kommen.

Sûnt maaie 2016 kinne skoallen Spoar 8 bestelle en sûnt septimber is de metoade ek echt yn gebrûk nommen. De bestellingen komme by de Afûk yn en dy fersoarget ek in startworkshop foar alle skoallen dy't mei de metoade wurkje wolle. De skoallen witte dan hoe't de metoade opboud is en wurket en kinne goed fan start gean. Der binne no sa'n 90 basisskoallen (likernôch 8500 learlingen) yn Fryslân dy't mei Spoar 8 wurkje.

Hjirnei folget foar de ferskillende farianten in beskriuwing fan de ynhâld en wurkwize fan Spoar 8.

Spoar 8 ûnderbou

Spoar 8 foar de ûnderbou is geskikt foar learlingen út groep 1, 2 (en 3). Dizze fariant wurket tematysk en slút oan by de oanpak en yndieling fan oare bekende ûnderboumetoaden. Yn de wurkgroepen waard dúdlik dat alle ûnderboudosinten foaral tematysk wurkje. Ek joegen se oan dat der foaral ferlet is fan in dúdlike metoade dy't in soad oersjoch biedt. Der is sa'n soad materiaal, mar net alle dosinten koene it foarhinne fine. Dat wiene foar de Afûk de twa útgongspunten foar Spoar 8 ûnderbou: alle materialen sammelje, digitalisearje en tematysk yndiele en fynber meitsje. In learkrêft dy't siket nei in tema yn Spoar 8 kriget in hiel soad materialen, dy't op in oersichtlike manier presintearre wurde. Om ta in goeie tematyske yndieling te kommen is sjoen nei de opbou en oanpak fan oare (Nederlânske) beukermetoaden sa as Schatkist en Kleuterplein. Der sitte yn totaal 48 tema's yn Spoar 8 foar de ûnderbou, ferdielt oer fjouwer haadtema's: Ik en myn omjouwing, Seizoenen en natuer, Feest en fiering en Frije tiid en ferbylding.

De learkrêft siket sels in tema dêr't hy/sy mei wurkje wol. Faak bart dat op basis fan wat der spilet yn de klasse en hokker tema oft sintraal stiet, ek by oare fakken. Sa kin mei it Frysk sûnder problemen oansletten wurde by oare fakken en aktiviteiten dy't yn de ûnderbou oan bod komme. Yn Spoar 8 ûnderbou steane per tema in hiel soad materialen klear. Per tema kin it tal materialen ferskille (it iene tema is no ienkear grutter as it oare), mar elts tema hat deselde opbou mei itselde type materialen, yndield per kategory. Dy kategoryen binne: Berneferskes, Ferhaaltsjes, Filmkes, Opsiferskes en gedichten, Praatplaten, Printeboeken en Wurdlisten.

Binnen in tema kin de dosint sels syn/har les gearstalle mei materialen út de ferskillende

kategoryen. Dy lesmaterialen wurde hieltyd oanfolle mei nije/oare input, troch it digitalisearjen fan bygelyks oare boekjes of cd's en it tafoegjen fan nije útstjoeringen fan *SkoalTV*.

Neist losse lesmaterialen stiet/steane der by de measte tema's (in) taalaktiviteit(en) yn it systeem. In taalaktiviteit is in oerkoepeljende aktiviteit, passend by it tema. Yn de foarm fan taalaktiviteiten wurde der allegear ideeën jûn om mei de bern oan it Frysk te wurkjen. De aktiviteiten binne keppele oan de taaldoelen fan it *referinsjeramt Frysk*. Losse lesmaterialen kinne yn tsjinst stean fan de taalaktiviteit. Der sitte yn totaal no sa'n 82 taalaktiviteiten yn de ûnderbouvariant.

Spoar 8 midden- en boppebou en Meunstertún

Spoar 8 foar de midden- en boppebou is geskikt foar learlingen út groep 5 o/m 8 (ek te brûken foar learlingen út groep 4). Dizze variant is opboud út ferskillende tema's. Elts learjier befettet acht tema's en elts tema bestiet út fjouwer lessen. Sa stiet der foar eltse groep in jierprogramma fan 32 lessen klear. Der binne twa mooglikheden om te differinsjearjen. Spoar 8 midden-/boppebou wurket mei de bekende tema's fan *Studio F* (lykas Feest, Natuer en Technyk), mar der binne nije subtema's en oar lesmateriaal tafoege. Yn alle groepen komt bygelyks it tema Technyk foarby, mar yn de iene groep wurdt yngien op 'fytsen' en yn de oare groep op 'enerzjy'.

Elts tema bestiet út fjouwer lessen mei in fêste opbou. Les 1 is de yntroduksjeles, les 2 en 3 binne de selsstannige wurklessen en les 4 is de les dy't yn it teken stiet fan de einopdracht. De nije einopdrachten foar de midden- en boppebou binne in wichtige tafoeging foar Spoar 8. Per tema (dus per fjouwer lessen) binne twa einopdrachten tafoege, wêryn't op in betsjuttingsfolle wize oan de Fryske taal wurke wurdt: de Tramopdracht en de Treinopdracht. De Tramopdracht is altyd wat ienfâldiger te organisearjen as de Treinopdracht. De Treinopdracht freget dêrmei wat mear tiid, mar is tagelyk ek hiel betsjuttingsfol om't er mear nei bûten ta rjochte is. Per tema steane beide opdrachten klear en de dosint kiest ien fan beiden, de Tramopdracht of de Treinopdracht. De einopdrachten binne keppele oan de taaldoelen fan it *referinsjeramt Frysk*.

De ûnderdielen stavering, wurdskat en grammatika wurde oanbean fia de game *Meunstertún*. *Meunstertún* is in saneamde 'serious game', wêryn't de bern de meunsters yn harren Meunstertún fersoargje moatte. Om de meunsters tefreden te hâlden moatte se opdrachten útfiere. De opdrachten hawwe te krijen mei de wurdskat en de stavering fan it Frysk. Elke learling hat in eigen Meunstertún en spilet dus selsstannich en op syn of har eigen nivo. *Meunstertún* makket gebrûk fan adaptive learlinen. Dat hâldt yn dat it programma byhâldt hoe't de learling de opdracht útfiert. In learling dy't langer wurk hat mei in bepaalde oefening of mear muoite hat, krijt mear oefeningen om oan de regel dy't yn dy oefening oan 'e oarder komt te wurkjen. In learling dy't maklik troch de oefeningen giet, streamt earder troch nei it folgjende ûnderdiel fan de learline. *Meunstertún* moat op in kompjûter, laptop of tablet spile wurde en hat in fêst plak yn elts tema fan Spoar 8.

Spoar 8 Temateek

Foar twa- en trijetalige skoallen en foar skoallen dy't op in oare manier oan de Fryske taal wurkje wolle, komt der foar de groepen 5 o/m 8 in ekstra variant fan de digitale metoade Spoar 8: de Temateek. De dosint kin yn de temateek oanslute op wrâldoriïntaasjetema's

troch gebrûk te meitsjen fan digitale teksten, filmkes en presintaasjes. De lesmaterialen sille yndield wurde op saakfaktema's binnen de haadtema's Skiednis, Ierdrykskunde, Natuer en technyk, Religy, Keunst en literatuer en Sport. Neist de losse lesmaterialen sil der by dizze fariant ek omtinken wêze foar taalaktiviteiten (lykas by de ûnderbou). Yn de foarm fan taalaktiviteiten wurde der allegear ideeën jûn om mei de bern oan it Frysk te wurkjen, yn kombinaasje mei de saakfakken. Dy aktiviteiten binne keppele oan de taaldoelen fan it *referinsjeramt Frysk*.

Yn 2016 binne in hiel soad learmiddels selektearre, metadatearre en digitalisearre. Dat wurk is noch net klear. De oanpak by dizze fariant is yn de taaldidaktyk noch in hiel nije wize fan wurkjen. Der is noch net in soad bekend oer sa'n oanpak en der binne noch mar in pear praktykfoarbylden te finen. Foar in lytse taal as it Frysk en dan ek noch foar de meartalige kontekst dêr't wy yn sitte, is dat in moaie útdaging.

2.2.4. Fuortset ûnderwiis

Papieren learmiddels

De metoade *Freemwurk*, dy't al jierren bestiet út tekstboeken en wurkboeken foar de ûnderbou en komplette modules foar de boppebou en benammen de twadde faze, is al in skoft ferâldere. In nije printinge komt der net, om't der keazen is foar in folslein digitale learomjouwing foar it skoalfak Frysk. Dochs bliuwe de boeken beskikber, yn it foarste plak om't der, nei de earste klasse, noch gjin strukturearre digitaal lesplan bestiet foar it fuortset ûnderwiis. Yn de takomst sil dêr feroaring yn komme. Yn it twadde plak is it fansels goed mooglik dat skoallen dy't net oer in laptopkar, in tabletkast of in grut oantal kompjûterlokalen beskikke, mei boeken wurkje ferkieze boppe de digitale fariant. Wol moat sein wurde dat hast tritich skoallen/-lokaasjes mear of minder wurkje mei Searje 36, ús digitale learplatfoarm foar it f.û. Yn sa goed as alle gefallen wurdt it fak jûn yn de earste klasse, by guon ek yn lettere jierren.

De boeken fan Memo en fan de kanon fan de Fryske skiednis, Alve-en-tritich, wurde noch altyd goed brûkt op de lokaasjes fan CSG Liudger (Burgum) en CSG Bogerman (Wommels, Koudum) en op De Saad yn Damwâld.

Oare papieren learmiddels binne de materialen by it lêsprjekt *LêsNo*. Dêr letter mear oer. Ek biede wy by ús lisinsjes in mooglikheid oan om, njonken it digitale materiaal, seis kear yn it jier de nijste LinKk tastjoerd te krijen. Dat tydskrift wurdt útjûn troch Cedin en wurdt levere mei ferwurkingsopdrachten, dy't op harren beurt yn digitale foarm op Searje 36 te finen binne.

Digitale learmiddels

De ferfanger fan *Freemwurk*, op dit stuit foaral foar de earste klassen fan it fuortset ûnderwiis yn Fryslân, is Searje 36. Dat pakket falt ûnder it oerkoepeljende eduFrysk-systeem, dêr't ek lesmateriaal te finen is foar it primêr ûnderwiis, it middelber beropsûnderwiis en kursussen foar folwoeksenen.

Foar it skoaljier 2016-2017 binne der troch hast tritich skoallen/-lokaasjes lisinsjes ôfnommen foar 3887 learlingen. Dat binne sa'n 500 lisinsjes mear as foarich jier. De ferwachting is ek dat dy groei trochsette sil, mei it each op de feroaringen dy't yn 2016 oanbrocht binne en dy't der noch oankomme yn de takomst.

Doe't Searje 36 yn 2014 lansearre waard, wiene der 36 lessen yn te finen, besteande út digitalisearre materiaal út de *Freemwurk*-boeken en LinKk, mar ek fan Alve-en-tritich, Tsjek en Omrop Fryslân. De lessen wiene ferdield yn seis tema's, dy't streekrocht út de papieren metoade oernommen binne: Minsken&Moetingen, Famylje&Freonen, Kommunikaasje, Bisten&Natuer, Trends, Skoalle&Kieze. LinKk hâldt him ek oan dy opbou en publisearret sa ek seis nûmers yn it jier.

Ein 2015 is in begjin makke mei de bb/kb-line yn Searje 36: in nije set fan 36 lessen, dy't parallel oan de thv-line rint. Foar in grut part is der oerlaping tusken de twa les pakketten. Deselde tema's, in protte deselde ynhâld, mar mei in oanpaste ferwurking dy't him taspitst op de Basis/Kader-learling fan it vmbo. Yn 2016 binne de tolve lessen dy't yn 2015 ûntwikkele binne, oanfolle mei de oare 24. Njonken de lessen is der fansels oandacht bestege oan de toetsen en binne dy ek oanpast oan it nivo fan de learling.

It moaie fan in digitale metoade is dat der hieltyd lytse en grutte saken oanpast wurde kinne, sûnder in komplette werútjefte fan de hiele metoade. Mei sa'n oanpak kinne wy ek hjir en dêr in opdracht fernije, oanpasse oan in nij artikel út LinKk, in nij filmke of nije searje fan Omrop Fryslân, mei oare wurden: aktueel meitsje. It risiko op in ferâldere metoade is dêrmei sa goed as fuort. Njonken it kompleet meitsjen fan de bb/kb-line is dat prinsipe ek tapast binnen de thv-line. Ek foar de kommende jierren sil it saak wêze om it pakket aktueel en dêrmei yn libben te hâlden.

LêsNo!

Nei de lêsprjekten oer *It Krús fan de Hollanner* en *De deikoersen fan Remco*, dêr't Searje 36 net allinnich op ynheakke, mar ek it digitale materiaal foar levere, is der ein 2016/begjin 2017 wer in nij projekt opset. Searje 36 hie dêr op 'e nij in grutte rol yn. De titel fan dat projekt is FLECHT en it tema is de flechtlingekrisis en de oarloch yn Syrië. It boek dat alle learlingen oanbean krigen, wie *Wês net bang (mar wol foarsichtich)* fan Hanneke de Jong. It ferhaal giet oer Lilan, dy't flechtsje moat út Syrië wei en úteinlik yn Nederlân einiget. Krekt as by *De deikoersen fan Remco*, dêr't de tillefyzjesearje *De Koers* by hearde, is der dit jier ek wer in keppeling makke mei in tillefyzjesearje. *Bosk* is in fjouwerdielige searje oer in jonge dy't in flechtling fynt yn de bosk en beslút om him te helpen.

It byhearrende lesmateriaal is no ek wer in moai opdrachtboekje, wêrfan't de opdrachten ek op Searje 36 te finen binne. Ek is der soarge foar links nei de ôfleveringen fan *Bosk* en biedt Searje 36 in audioboek oan by *Wês net bang*. Goed 4000 learlingen dogge dit skoaljier mei oan it projekt FLECHT. De ôftraap wie yn jannewaris 2017 op It Hearrenfean.

2.2.5. Middelber beropsûnderwiis

Fryske taal en kultuer

Oant no ta de iennichste foarsjenning foar it fak Frysk op it mbû op eduFrysk wie it lessepakket Fryske taal en kultuer. Dat gie yn tweintich lessen (yn totaal sechstich oeren) mei de studint yn op it Frysk en dan foaral op it stik fan kultueredukaasje. Saken as skiednis, musea, resepten, libbensferhalen en fansels de taal sels kamen oan bar. De lesserrige waard ôfsletten mei in kultuerwike. De lessen binne opset foar sawol Frysk- as Nederlânsktalige

studinten en biede in soad ynteraksje en multymediaal materiaal. Gearwurking tusken studinten wurdt ek sterk op oanset.

Frysk yn dyn berop

Begjin 2016 is de offisjele start makke fan Frysk yn dyn berop, in lesserige binnen in gruttere karmodule Frysk op it mbû. Yn oparbeidzjen tusken de trije ROC's yn Fryslân (Friese Poort, Friesland College en Nordwin College), Cedin, Afûk en de provinsje Fryslân wurdt no wurke oan in lessepakket en in ôfslutend eksamen, dat al mei al 240 oeren folje kin. Dêrfan binne 120 BOT-oeren (klassikaal les), 80 oeren it útfieren fan opdrachten yn de BPV (staaasje) en 40 oeren selsstúdzje. It tarieden fan presintaasjes en wurkstikken ensfh. falt dêr fansels ek ûnder.

In grut part fan de beoardieling sil plakfine yn de staaasje. Foar de karmodule wurdt dêryn it Frysk praten, mar ek de petearfeardigens metten. De skriuwfeardigens wurdt oan de hân fan in portfolio fêststeld. Staaasje en portfolio wurde troch de ynstelling (skoalle) sels ôfnommen. Op in eksamen, fersoarge troch de Afûk, sille de Fryske lêse- en harkfeardigens test wurde. Dat eksamen wurdt digitaal, fia eduFrysk, oanbean oan 'e ein fan it skoaljier.

It eduFrysk-systeem is ek it platfoarm dêr't de lessen op oanbean wurde. Dosinten en studinten brûke eduFrysk om mei fjouwer tema's oan de slach te gean: Minsken, Kommunikaasje, Trends en Sûnens. Dy tema's binne algemien genôch om op alle sektoaren fan tapassing te wêzen. It pakket wurdt no earst proefdraaid mei de studinten fan Soarch en Wolwêzen (S&W) yn 'e holle. Goed trije fjirde fan it pakket slút oer it algemien oan by alle studinten. It fjirdepart dat oer is, bestiet út materiaal, opdrachten en foarbylden dy't oanslute by spesifyk S&W. Foar de oare trije sektoaren (Hannel, Technyk en Grien) sil op in letter stuit in "eigen" diel makke wurde om sa it pakket kompleet te meitsjen.

Yn 2016 is in grut part fan de lessen Minsken en Kommunikaasje ûntwikkele, dat op Friese Poort yn in 'pilot' brûkt wurdt. De offisjele ôftraap wie op 12 april 2017, ek op Friese Poort. Oan de twadde helte fan it lessepakket, de tema's Trends en Sûnens, wurdt no wurke. Yn juny sil de pilot foar it eksamen útfierd wurde. Fan jannewaris 2018 ôf is it pakket foar de S&W-sektor kompleet beskikber.

2.2.6. Evaluaasjesysteem Frysk Grip

Yn 2014 hat de provinsje Fryslân stipe tasein foar it ûntwikkeljen fan in breed evaluaasjesysteem Fryske taal. Dat evaluaasjesysteem, *Grip*, jout skoallen yn it primêr en fuortset ûnderwiis yn Fryslân fan it skoaljier 2016-2017 ôf de mooglikheid om gebrûk te meitsjen fan ferskillende ynstruminten om de taalûntwikkeling fan harren learlingen te folgjen. Dit binne de ferskillende ûnderdielen fan *Grip*:

- De toetsen *Begripend lêzen* mjitte by de learlingen it begripen fan Fryske teksten op harren eigen nivo. Der binne toetsen foar groep 5 p.û. oant en mei klasse 1 f.û. Alle jierren kin in toets ôfnommen wurde, wêrfan't de resultaten yn it folchsystem fan *Grip* komme. De toetsen wurde noarmearre ûnder learlingen yn Fryslân en jouwe ynsjoch yn wêr't de learling stiet op it mêd fan lêsbegryp. De toetsen binne digitaal en wurde automatysk troch de kompjûter neisjoen.

- De saneamde *Frisiatoets* is in digitaal ôf te nimmen toets dy't de taalkennis fan it Frysk op it mêd fan idioom, syntaksis, morfology en semantyk mjit. De toets wurdt brûkt om it taalkennisnivo fan learlingen fêst te stellen en kin brûkt wurde as ynstaptoets en as folchynstrumint.
- Mei de *Observaasjeinstruminten* kin de ûntwikkeling fan de mûnlinge taalfeardichheid en de skriuwfeardichheid fan learlingen folge wurde. Learkrêften kinne harren learlingen folgje op wei nei de 'folsleine' behearsking fan in sjenre yn in meartalige situaasje. Foar it p.û. giet it om ynstruminten foar sjenres lykas: in neifertelling, in oerlis-learpetear, in diskusje, in fraachpetear en in brief. Foar it f.û. giet it om sjenres lykas: in diskusje, in presintaasje, in mûnlinge redenaasje, in ferslach, in ynstruksje, in resinsje en in kranteberjocht.
- De *Metoadebûne evaluaasjes* foar it p.û. en de ûnderbou fan it f.û. binne ûnderdiel fan de learlinen en materialen fan de metoaden Frysk, Spoar 8 en Searje 36. It binne benammen formative evaluaasjes dy't geskikt binne foar op ûntwikkeling rjochte wurkjen, wêrby't de útkomsten fan de evaluaasjes learlingen en dosinten stypje en stjoere yn harren lear- en ûnderwiisproses. Foar de midden- en boppebou fan it p.û. kinne learlingen nei in einopdracht harrensels bygelyks evaluatearje op it mêd fan skriuwfeardichheid en it hâlden fan in presintaasje. Yn it f.û. beoardielje learlingen harren eigen skriuwfeardichheid. Mear tradisjonele metoadetoetsen binne ûnderdiel fan it lessepakket Searje 36. Foar it p.û. funksjonearje de opdrachten binnen de ynteraktive game *Meunstertún* fuortdaliks ek as evaluaasjeinstruminten. Ek de metoadebûne evaluaasjes binne in yntegraal ûnderdiel fan it learlingfolchysteem, dat keppele wurdt oan de nije digitale learomjouwing en oan de metoaden.
- Binnen it *Learlingfolchysteem foar it Frysk (LVS)* wurde de learfoarderingen mei help fan de evaluaasjeútkomsten byholden. It learlingfolchysteem is boud op eduFrysk, it edukative platfoarm dat ek foar de nije digitale metoaden foar it p.û. en f.û. brûkt wurdt. It systeem kin sawol de metoadedôfhinklike as de metoadedûndôfhinklike data byhâlde; per learling, per klasse en per skoalle. It systeem jout de learaar en de learlingen ynformaasje oer de ûntwikkeling fan de learling en it trochsneed-resultaat fan in groep. Dat is relatearre oan it kurrikulum (rrF) en oan de domeinen (lykas praten en lêzen) en sjenres fan taalgebrûk (lykas in diskusje, in presintaasje, in folder). In digitaal portfolio makket ûnderdiel út fan *Grip*. It LVS is as module neist de metoade te brûken, mar kin ek los fan de metoade brûkt wurde.

De Afûk hat yn 2016 benammen in soad tiid stutsen yn it ûntwikkeljen fan digitale evaluaasjes en metoadetoetsen foar Spoar 8 en Searje 36. Dêrby is goed de oansluting socht by it projekt Evaluaasjesysteem Frysk: Grip. Foar de metoademakkers hat it *referinsjeramt Frysk (rrF)* in tige wichtige útkomst fan it evaluaasjesysteemprojekt west. Yn it rrF wurdt nammentlik koart en bûnich beskreaun wat taallearders op de nivo's A1 oant en mei C1 kenne en kinne moatte wat de feardichheden Yn petear, Harkjen, Sprekken, Lêzen en Skriuwen oanbelanget. Foar it ûntwerpen fan it les- en toetsmateriaal foar Spoar 8 en Searje 36 foarme it *referinsjeramt Frysk* dus in belangryk dokumint, dat hâldfêst en rjochting joech.

3. TAALPROMOASJE

Doel: it ferbetterjen fan de maatskiplike posysje fan de Fryske taal yn wurd en skrift. It Frysk fierder ûntwikkelje troch de mooglikheden om yn de Fryske taal aktyf oan de mienskip mei te dwaan te fergrutsjen.

3.1. Stipepunt

It Stipepunt wie ynearsten noch in min of mear op himsels steand ûnderdiel fan de Afûk. Troch de jierren hinne binne de ferskillende bedriuwûnderdielen hieltyd mear opinoar ôfstimd en is de Afûk as organisaasje yn syn gehiel mear it stipepunt foar de Fryske taal wurden. Dêrby binne de oarspronklike taken op it mêd fan kursussen en útjouwerij ek hieltyd mear yn dy fan it Stipepunt yntegrearre. Dat jildt bygelyks foar de bedriuwskursussen Frysk en it ûntwikkeljen en útjaan fan learmiddels foar it ûnderwiis. It Stipepunt hat by tal fan gearwurkingsprojekten de rol fan koördinator krigen, lykas by Tomke, GemeentenenFrysk, Frysk yn 'e Soarch, Frysk yn it rjochtsferkear, HEIT&MEM, Frysk yn 'e reklame, Frysk en toerisme, Frysk yn 'e musea, de Fryske Kanon en de algemiene promoasjekampanje PraatmarFrysk. Dy rol past by it Stipepunt en wurdt troch de gearwurkingspartners ek akseptearre. De Afûk as gehiel hat him dêrneffens ek fierder ûntwikkele ta in fleksibele projektorganisaasje, dy't it provinsjale taalbelied útfiert, mar sels ek wach is op nije kânsen yn it fjild en dêr op in iepen en konstruktive wize mei de provinsje oer kommunisearret.

It Stipepunt moat in wichtige tsjinhinger fan Dingtiid/Orgaan foar de Fryske taal foarmje. It Stipepunt kin it taalbelied fan (ûnderdielen fan) de oerheid en de rjochterlike macht op grûn fan de oanrekommandaasjes fan Dingtiid/Orgaan foar de Fryske taal útwurkje, sadanich dat ien en oar oan 'e iene kant mei de Wet gebrûk Fryske taal strykt en oan 'e oare kant mei it Europeesk Hânfêst foar regionale talen of talen fan minderheden. De oare aktiviteiten fan it Stipepunt, foarsafier't dy in relaasje hawwe mei de Wet gebrûk Fryske taal, moatte ek ôfstimd wurde mei Dingtiid/Orgaan foar de Fryske taal. De befiningen fan dat orgaan bepale (mei) de aktiviteiten fan it Stipepunt.

De aktiviteiten dy't wy yn 2016 nei oerheden ta ûndernommen hawwe, wurde beskreaun by GemeentenenFrysk. By Frysk yn 'e Soarch binne de aktiviteiten nei de soarchynstellingen ta beskreaun en by de PraatmarFrysk kampanje dyselden nei it bedriuwslibben ta. Dêrnei folget in oersjoch fan it Frysk yn it rjochtsferkear.

3.2. GemeentenenFrysk

Mei GemeentenenFrysk wolle wy ynhâldlike stipe jaan oan it ûntwikkeljen en útfieren fan taalbelied en taalbeliedsplannen. Meastentiids dogge wy dat oan 'e hân fan it menusysteem, dat in goede ferlikingsbasis biedt foar oerlis mei gemeenten. Dêrby geane wy út fan de mienskip yn in meartalige omjouwing.

Wat ek in soad beweging meibringt, is fansels de nije taalwet, dy't op 1 jannewaris 2014 yngien is. Wy wolle ús benammen dwaande hâlde mei de algemiene stipe oan gemeenten,

mei spesifike stipe oangeande de weryndielingen, en in krêftige ympuls jaan oan it taalbelied yn Fryslân.

Wurksumheden:

- *byhâlden argyf gemeenten*
- *ôfhanneljen telefoanyske en skriftlike fragen gemeenten*
- *kontakten Provinsjehûs*
- *wurkbesiten regelje en tariede*
- *wurkbesiten bringe*
- *neisoarch wurkbesiten*
- *beänderjen algemiene fragen oer provinsjaal en/of gemeentlik belied*
- *organisearjen fan stúdzjemiddeis*
- *opsetten/inisjearjen/útfieren fan nije projekten (lykas PraatmarFrysk)*

Yn 2016 binne wurkbesiten ôflein en hat der op oare wizen (persoanlik, telefoanysk of fia e-mail) kontakt west mei de folgjende gemeenten: *Achtkarspelen, It Bilt, Dantumadiel, Dongeradiel, Eaststellingwerf, Ferwerderadiel, De Fryske Marren, Frjentsjerteradiel, Hearrenfean, Kollumerlân, Littenseradiel, Ljouwert, Ljouwerteradiel, Menameradiel, Opsterlân, Smellingerlân, Súdwest-Fryslân en Tytsjerksteradiel.*

Struktureel kontakt mei gemeenten is fan belang om in aktueel byld te krijen fan de stân fan saken yn dy gemeenten. Troch sa'n aktueel byld kin der adekwaat reagearre wurde op saken dy't omtinken freegje. Dat kinne beliedsoanpassingen en útfieringssaken wêze, nije taalbeliedsnota's, mar it kin ek te krijen hawwe mei gruttere tema's, lykas hjirnei beskreaun wurdt.

Website

Op www.gemeentenenfrysk.nl stiet ynformaasje oangeande taalbelied foar gemeenten. De website is dûbeltalich, sadat bestjoerders en amtners dy't it Frysk net goed yn 'e macht hawwe harren ek ferdjipje kinne yn de mooglikheden foar taalbelied yn harren gemeente. De site wurdt benammen brûkt by it skriuwen fan in nije taalnota. Yn 2016 hie www.gemeentenenfrysk.nl sa'n 1.837 besikers, dêrfan 1.473 unike besikers. De trochsnee besite oan de website duorre 1.46 min.

Twitter

Mei help fan Twitter kin GemeentenenFrysk minsken flot ynformearje oer nije produkten foar gemeenten op it mêd fan taalbelied, mar ek oer de nijste ûntwikkelingen by oare gemeenten op datselde mêd. Op 31 desimber 2016 hie @gemeentenenfrysk 626 folgers.

Nijsbrief

Ein 2015 is de digitale nijsbrief fan GemeentenenFrysk wer nij libben ynroppen. Yn totaal giet it om sa'n 134 nijsbriefabonnees. De nijsbrief soarget foar in grut en direkt berik, mar ek foar de mooglikheid om krekt wat mear ynformaasje te bieden as fia Twitter. De nijsbrief is yn 2016 twa kear útkommen.

Amtlike oerlizzen

Yn 2016 is it strukturele oerlis mei beliedsamtners fan de ferskillende gemeenten fuortset. De sessys wurde posityf wurdearre en soargje foar mear kontakt en oerlis tusken beliedsamtners Frysk. Dêrby soargje se foar de mooglikheid om ynformaasje te sammeljen/presintearjen, mar ek om mei-inoar in tal saken op te pakken. Twa konkrete foarbylden binne: de Taalbeliedsmakker en de modelferoarding. Njonken de beliedsamtners fan de gemeenten wurde ek amtners fan Ynlânske Saken en de provinsje útnûge en fertsjintwurdigers fan Dingtiid. Yn 2016 is it oerlis trije kear hâlden.

Vereniging Friese Gemeenten

Op it portefeuillehâldersoerlis Kultuer fan 26 april hat it taalbelied fan gemeenten oan de oarder west. Deputearre Poepjes hat oanbean dat de provinsje yn 'e mande mei de gemeenten dat dossier oppakt en fierder bringe wol. It oanbod kin breed (bgl. oeren en finânsjes) ynterpretearre en troch de gemeenten spesifyk makke wurde. Nei dat oanbod hat de Wet gebrûk Fryske taal oan de oarder west en de kânsen en mooglikheden dy't dy wet gemeenten biedt. Fansels hat der dêrby rom omtinken west foar de Taalbeliedsmakker, dy't posityf ûntfongen waard.

FNP-kader

Op 10 febrewaris stie de Wet gebrûk Fryske taal sintraal op in kaderbyienkomst fan de FNP. Feroarderingen, beliedsnota's en praktyske saken op it mêd fan taal by oerheden kamen dêrby op it aljemint. Yn totaal wiene der sa'n tritich belangstellenden oanwêzich fan provinsje, wetterskip en gemeenten.

Taalbeliedsmakker

De ynfiering fan de Wet gebrûk Fryske taal set in soad gemeenten yn beweging. Hast alle gemeenten wurkje oan in nije beliedsnota en dat jout de mooglikheid om te soargjen foar mear ôfstimming tusken de ferskillende gemeenten. Mei op fersyk fan de beliedsamtners is dêrom de Taalbeliedsmakker realisearre. De Taalbeliedsmakker is in systeem dat oan de hân fan fragen en antwurden in konseptbeliedsplan ûntwikkelet. De basis foar it systeem leit yn it bekende menusysteem, dat basearre is op it Europeesk Hânfêst foar regionale talen of talen fan minderheden (yn wurking yn Nederlân sûnt 1998). De fragen binne ûnderferdiel yn seis tema's: bestjoer, ûnderwiis, soarch, kultuer, media en bedriuwslibben, rekreaasje en toerisme. De fragen geane oer wetlike taken, mar ek oer oanfollingen op ferplichtingen, lykas Frysk/meartaligens yn de WMO en de trochgeande learline.

De fragen, antwurden en de formulearring fan de dêrby hearrende beliedsteksten binne ynearsten skreaun troch de Afûk, mar dêrnei beoardiele en oanpast troch meiwurkers fan de provinsje en de gemeenten Dongeradiel, Littenseradiel en Opsterlân.

Model taalferoarding

Ynlânske Saken ferget fan gemeenten op basis fan de wet in nije/aktuele taalnota, mar ek in nije taalferoarding. Ek dêrby is it goed om mei-inoar te wurkjen oan in modelferoarding. Ynearsten waard in model fan Ynlânske Saken tasein. Doe't dat útbleau, hawwe de beliedsamtners yn in mienskiplike sessy oanjûn om it mei-inoar op te pakken. Yn it model moast wol romte wêze foar differinsjaasje. It ferskil tusken de winsken fan Littenseradiel en Harns wie bygelyks hiel grut. Op basis fan stikken fan Ynlânske Saken, Dingtiid, de provinsje Fryslân en de gemeente Tytsjerksteradiel binne fragen, antwurden en suggestjes foar de feroarding taheakke oan de Taalbeliedsmakker. De nije teksten binne beoardiele en

oanpast troch meiwurkers fan de provinsje en de gemeenten Súdwest-Fryslân, Tytsjerksteradiel en Hearrenfean. It model taalferoarding is yn 2016 yn gebrûk nommen.

Akten boargersaken

It modelleboek fan de Nederlandse Vereniging voor Burgerzaken (NVVB), dat brûkt wurdt troch alle ôfdielingen boargersaken fan de gemeenten yn Nederlân is foar it grutste part Nederlânsktalich. Guon modellen binne Frysktalich en guon modellen binne yn de iene gemeente wol yn it Frysk beskikber en yn oare gemeenten net. Dat hinget ôf fan de software dy't gemeenten brûke, mar guon gemeenten hawwe ek op eigen manneboet modellen oerset en net dield. It risiko bestiet dat der ferskillende ferzjes fan ien akte brûkt wurde. Dúdlik mei ek wêze dat in Frysktalige akte net altiten mooglik is. Yn 'e mande mei de NVVB wurdt wurke oan in oersetting fan it folsleine modelleboek. Dy oersetting soe yn 2016 ymplementarre wurde, mar dat is fan de kant fan de NVVB net slagge. De ferwachting is dat it no yn de earste helte fan 2017 ymplementarre wurde sil yn de pakketten fan de trije partijen dy't digitale systemen oanbiede oan gemeenten. Op dy wize soargje wy dêrfoar dat yn alle Fryske gemeenten Frysktalige akten te brûken binne en dat de modellen dy't dêrûnder lizze gelyk binne.

DDFK

Dantumadiel, Dongeradiel, Ferwerderadiel en Kollumerlân binne yn 2017 amtlik fusearre, yn 2018 folget in bestjoerlike fúzje fan Dongeradiel, Ferwerderadiel en Kollumerlân. De fjouwer gemeenten hawwe yn 2016 mei stipe fan Gemeentene Frysk wurke oan in nije taalbeliedsnota. It doel is dat dy yn de earste helte fan 2017 fêststeld wurdt.

Waadhoeke

De gemeenten Menameradiel, Frjentsjerteradiel, It Bilt en in part fan Littenseradiel fusearje op 1 jannewaris 2018 ta de nije gemeente Waadhoeke. De fjouwer gemeenten hawwe yn 2016 wurke oan in grûnhâlding taalbelied. Dy kin troch de amtners yn de nije gemeente brûkt wurde foar it meitsjen fan in nije nota en feroarding.

Ljouwert

Ljouwerteradiel en in part fan Littenseradiel geane yn 2018 op yn de gemeente Ljouwert. Under lieding fan de gemeente Ljouwert en mei stipe fan Gemeentene Frysk is yn 2016 úteinset mei in nije taalbeliedsnota en feroarding. Beide stikken moatte yn de earste helte fan 2017 fêststeld wurde.

3.3. Oersetburo

Doel: it ferlienen fan oersetstipe oan oerheden, bedriuwen, ynstellingen en partikulieren.

Resultaten: oersettingen op oanfraach.

Tal dielnimmers: wurde mei de ynkomen ferantwurde yn it finansjeel ferslach.

Yn 2016 is der wer in soad gebrûk makke fan it oersettoanbod. Yn it finansjeel ferslach steane de krekte resultaten. Hjirûnder wurde in pear projekten neamd.

Rou-, trou- en berteteksten

Der wurdt troch partikulieren en ek troch ûndernimmers in soad gebrûk makke fan help by it oersetten fan rou-, trou- en berteteksten. Der steane ek foarbylden op de websites fan de Afûk en Heit&Mem. Routeksten, gedichten en wurden fan treast binne ek te finen yn it boekje *Foar altyd yn ús hert*.

Fries Museum

Yn it nije Fries Museum hat it Frysk in sichtber plak. Foar ferskate eksposysjes binne Fryske oersettingen makke, lykas foar *Alma-Tadema – klassieke verleiding*. Foar in eksposysje oer Hylpen is der in tekst yn it Hylpersk oersetten.

Provinsje en gemeenten

Regelmjittich wurde op fersyk fan de provinsje of in gemeente brieven of stikken yn it Frysk oersetten.

Dekemastate

De teksten op de ynfopanielen foar besikers fan Dekemastate binne no ek yn it Frysk.

Tresoar

Fan de website VeleHanden.nl is in Fryske oersetting makke. VeleHanden is in lanlik projekt om argiven mei help fan frijwilligers foar in breed publyk tagonklik te meitsjen.

Popfabryk

Foar it produksjehûs foar popkultuer yn Fryslân *De Popfabryk* is yn 2016 de nijsbrief yn it Frysk oersetten.

3.4. Missie Meldkamer

Sinralisten fan de Meldkamer Noord-Nederland wurkje mei in dúdlik protokol mei foar it grutste part sletten fragen. Dochs wol it wolris foarkomme dat minsken net allinne antwurd jouwe op de stelde fragen, mar earst harren eigen ferhaal fertelle wolle. Faak bart dat út emoasje en wurdt de memmetaal brûkt. De earste wurden fan de persoan dy't skillet jouwe al in soad ynformaasje. Dêrnjonken is it fan belang om de minsken fan it begjin ôf gerêst te stellen, sadat it protokol better trochrûn wurde kin. Passive behearsking fan it Drintsk, Frysk en Grinslânsk is dan wichtich. De Afûk hat yn 'e mande mei it Bureau Groninger Taal en Cultuur, Huus van de Taal en de Meldkamer Noord-Nederland in digitaal spul ûntwikkele wêrby't sinralisten de passive taalfeardigens fan de trije talen trene. De game Missie Meldkamer is ein 2015 oplevere. Ein 2016 is de game evaluatearre. De game wurket goed, de meiwurkers dy't him spile hawwe binne posityf, mar hy wurdt net in soad brûkt, 35 meiwurkers hawwe de game spile. Ein 2016 hat der opnij omtinken west foar de game by de meldkeamer.

3.5. Frysk yn it rjochtsferkear

Mei it yngean fan de Wet gebrûk Fryske taal op 1 jannewaris 2014 wie it fan belang dat der mear beëdigde tolken Frysk komme soene. Fedde Dijkstra is op dit stuit noch altyd de iennichste tolk Frysk. Sa bliuwt it Frysk yn de rjochtseal in kwetsber dossier. Dêrom is der begjin 2015 in gearkomste pland mei de rjochtbank, de provinsje, Dingtiid en it Stipepunt fan

de Afûk om meielkoar in oplossing te sykjen foar dy situaasje. Ien fan de útkomsten wie dat oan de hân fan in wurkgroep in koarte training taret wurde soe foar potinsjele nije tolken. De nammen foar dy wurkgroep kamen lang net boppe tafel. Yn febrewaris 2016 is der opnij in besite brocht oan de rjochtbank nei oanlieding fan in besite fan MEP'er (Member of the European Parliament) Nils Torvalds oan Fryslân. Torvalds wie mear as ynteressearre yn it gebrûk fan minderheidstalen yn it rjochtsferkear. Dy besite hat der mei foar soarge dat de mooglike wurkgroepleden fan de rjochtbank bekend makke waarden. Yn oktober 2016 wie Gemeentenen Frysk west by it dreampetear fan Dingtiid oer Frysk yn it rjochtsferkear. Yn maart 2017 wurdt der in praktysk ferfolch oan jûn. Yn oarbeidzjen mei de provinsje wurdt begjin 2017 in ferfolch jûn oan it Frysk by de rjochtbank.

3.6. Taal yn 'e Soarch

Doel: it stimulearjen fan taalbelied yn 'e soarch, rjochte op it behâld dêrfan yn ferpleech- en âldereintehuzen en ferbettering yn sikehuzen en by soarchfersekerders.

www.taalvoorzorg.nl

'Taal voor de zorg' wurket gear mei soarchoanbieders om soarchfregers te stimulearjen om yn soarchsituasjes de eigen taal te brûken. Dat kin troch de oanbelangjende taal sichtber te meitsjen op de soarchlokaasje mei bygelyks posters en buttons, mar ek troch it oanbieden fan workshops oan de fersoargjenden. De website www.taalvoorzorg.nl biedt û.o. in oersjoch fan relevante ûndersiken, helpmiddels, beliedssaken en hantrekkens foar profesjonels.

- tal sessys: 4.415, tal unike besikers: 3.589, trochsneed tiid op de site: 1.40 min.
- facebook: 278 likes (+77,07)
- mailchimp: 325 nijsbriefabonnees (-6,16%)

Serie Taal in de zorg:

Yn 2015 is úteinset mei in rige artikels oer minsken yn de soarch – profesjoneel en partikulier – en it belang fan taal. De artikels wurde fergees oanbean oan soarchrelatearre media yn Fryslân en Nederlân. Ferskate media pakke de artikels ek op. Sa is der bygelyks in artikel opnommen yn Pluskrant Magazine en yn BelangStelling (Zorgbelang Fryslân). Ek de tydskriften en nijsbrieven fan de soarchoanbieders nimme de artikels op. Sa'n twa moanne nei it fersprieden nei de media wurde de artikels ek fia de eigen website en social media nei bûten brocht. It doel fan de searje is om beliedsmakkers en minsken op de wurkflier bewust te meitsjen fan taal en -gebrûk.

Yn septimber 2016 hat Taal in de zorg/Dat wie doe sa oan de oarder west op de lanlike telefyzje yn it programma Tijd voor Max fan Omroep Max.

Mobiléa beeldzorg

Mobiléa beeldzorg 2.0 biedt kliïnten byldbelmooglikheid, alarmearing, in soarchsintralefunksje, de mooglikheid om feilich ynformaasje út te wikseljen en ferslach te lizzen. It moaie is dat it brûkt wurde kin op it eigen byldskerm, sa as de tablet of de telefoan. Yn de app wurde ûnder oare de websites fan Dat wie doe sa, De Moanne en PraatmarFrysk ûntsluten. De app is yn 2016 ûntwikkele en yn trije talen beskikber. 'Taal voor de zorg' hat de Fryske oersetting fersoarge.

Invideo

Invideo ûntwikkelet pasjintynformaasje oer sikehûsbehandelingen yn animaasjeform. Foar de longôfdieling is de earste pilot yn 2016 begûn yn trije Fryske sikehûzen. De bedoeling is om it fierder te ûntwikkeljen foar alle ôfdielingen fan it sikehûs. 'Taal voor de zorg' hat meiwurke oan de Fryske voice-over by de animaasjes en sil by it ferwachte ferfolch dêr ek de Fryske voice-over foar fersoargje.

GDS Depresjetest

Yn 'e mande mei ZuidOostZorg is begjin 2016 in Frysktalige depresjetest beskikber steld. De test is spesifyk ûntwikkele foar de âlderein. Troch it brûken fan de eigen taal wurdt de drompel om mei de dokter te praten ferlege en kinne kliïnten harren better útdrukke.

3.7. Alderein: Dat wie doe sa

Om aktiviteitebegelieders fan passend Frysktalich materiaal te foarsjen is it projekt 'Dat wie doe sa' ûntwikkele. It oanbod yn dat projekt bestiet út ferhalen, petearen, ferskes, foto's en tips dy't aktiviteitebegelieders (AB'ers), frijwilligers, mantelsoargers én profesjonels hânfetten jouwe om mei de âlderein te praten oer saken dy't se werkenne (reminisinsje). Oer de ynhâld kin de âlderein op nivo meiprate, want it giet oer saken dy't se noch hiel goed witte. Sa telle se wer mei en dat stimulearret it wolwêzen.

www.datwiedoesa.nl

Dat wie doe sa biedt in protte materialen út it ferline dy't geskikt binne foar reminisinsje: ferhalen, muzyk, fideo's ensafuorthinne. It oanbod bestiet út werkenber materiaal, ôfkomstich út de regio en yn de taal fan de regio. It materiaal dat Dat wie doe sa oanbiedt is net allinnich geskikt foar partikulieren, mar ek foar professionals yn de soarch. Sa is it foar bygelyks demintearjenden posityf om oer harren libben te fertellen. Op www.datwiedoesa.nl steane ferhalen, advizen, tips, nije gaadlike boektitels en aktiviteiten. Sjoch foar de sifers fan de website en de sosjale media op www.taalvoordezorg.nl.

Geriatric Depression Scale 8 (GDS 8)

De ynternasjonale brûkte GDS 8 jout in earste yndikaasje fan de fraach oft der sprake is fan in depresje of net. De test is spesifyk ûntwikkele foar de âlderein en bestiet út acht fragen dy't hja sels ynfolje kinne. De (hús)dokter kriget oan de hân fan de útkomsten in earste yndikaasje fan depresje en it ferfolchtrajekt. De GDS 8 is sûnt 21 jannewaris 2016 ek beskikber yn it Frysk. Frysktalige helpmiddels soargje derfoar dat de fragen ek yn it Frysk steld wurde en dat it petear net slûpendewei oergiet op it Nederlânsk.

De Frysktalige Geriatric Depression Scale 8 is op www.taalvoordezorg.nl beskikber foar elkenien dy't dêr gebrûk fan meitsje wol. In brede ynfiering fan de test is dêrby it doel.

Foarlêslunsj

Op 7 oktober wie de fjirde edysje fan de Nationale Voorleeslunch. Op ferskate plakken yn it lân waard dy moarns it ferhaal 'Dons' fan Jan Siebelink foarlêzen. Utgeande fan Dat wie doe sa is it ferhaal oersetten yn it Frysk en fia de site fan de Nationale Voorleeslunch foar elk beskikber steld. Yn 'e mande mei de bibleteek en de HEMA yn Drachten is it ferhaal dêr yn it

Frysk foardroegen troch Hylke Speerstra. Ek yn it kommende jier sil der in Fryske oersetting fan it foarlêserhaal oanbean wurde.

3.8. (Takomstige) âlders mei jonge bern: HEIT&MEM

HEIT&MEM hat in grut berik ûnder (oansteande) âlders yn Fryslân. Mei HEIT&MEM wolle wy:

- (oankommende) âlders bewust meitsje fan de meartalige omjouwing en de kânsen op meartalige ûntwikkeling fan harren bern;
- (oankommende) âlders stimulearje om harren bern meartalich grut te bringen en dêr hânfetten foar biede;
- (oankommende) âlders stimulearje om mear Frysk te lêzen én foar te lêzen.

De crossmediale oanpak bringt mei dat (oansteande) âlders al by de swangerskip mei HEIT&MEM yn 'e kunde komme, mar ek as sy harren bern oanjouwe by it gemeentehûs. Fansels wol HEIT&MEM ek by de fierdere ûntwikkeling fan bern in betroubere partner wêze foar de âlders.

heit&mem-magazine

Lykas it jier dêrfoar binne yn 2016 wer trije nûmers fan heit&mem útbrocht. Twa nûmers binne útbrocht op de reguliere wize en mei kontent dy't minsken fan ús ferwachtsje kinne. De fersprieding fan dy twa nûmers ferrûn rûnom yn Fryslân fia basisskoallen, pjutteboartersplakken en konsultaasjeburo's, soarchfersekerders en guon Fryske sikehuzen, bibliteken, boekhannels, gemeenten en oare iepenbiere ynstellingen. In list mei ferspriedingsplakken stiet op www.heitenmem.nl. Elkenien wurdt fan it ferskinen fan in nij nûmer op de hichte brocht fia de digitale nijsbrief fan heit&mem.

- oplage HEIT&MEM 01: 35.000 eksimplaren
- oplage HEIT&MEM 02: 35.000 eksimplaren

De lytse heit&mem

It tredde nûmer wie opnij in bysûnder nûmer. Alle jierren sil der nammentlik in spesjale edysje makke wurde, eksklusyf foar it Taalkado. Yn dy saneamde *lytse heit&mem* steane allerhande artikels dy't nijsgjirrich binne foar âlders dy't krekt in lytse poppe hawwe. Fansels wie der ek yn dat nûmer wiidweidich omtinken foar de (mear)talige ûntwikkeling fan bern.

- oplage *de lytse HEIT&MEM*: 8.000 eksimplaren

www.heitenmem.nl

It tal besikers fan de website www.heitenmem.nl wie yn 2016: 228.088. Dy besikers wiene troch de bank 0.56 minuten op de site oanwêzich. It gie dêrby om 155.894 unike besikers.

Foar de promoasje fan HEIT&MEM en de dêroan keppelde website www.heitenmem.nl wurdt gebrûk makke fan social media. Oan HEIT&MEM is in nijsbrief keppelde mei 1.037 abonnees, in Twitteraccount mei 1.366 folgers, in Facebookpagina mei 8.040 likes, in Pinterest-profiyl mei 386 folgers en Instagram mei 250 folgers.

heit&mem-panel

Om âlders goed stypje te kinnen by de (mear)talige ûntwikkeling fan harren bern is it wichtich om de goede ynformaasje te hawwen. De ynformaasjefoarsjenning oangeande

meartalige opfieding is op dit stuit nammentlik foar in grut part basearre op ynternasjonale ûndersiken. Om te soargjen dat der (noch) mear relevante ynformaasje foarhannen is, binne wy yn 'e mande mei SFBO start mei in HEIT&MEM-panel.

- tal dielnimmende húshâldingen: 290 (yn totaal 625 bern)

Kreamtaskes

Yn 2016 wiene wy foar it earst net mear fysyk oanwêzich op de kreammerken. By MCL en Nij Smellinghe wurde de foarljochtingstaskes lykwols troch de meiwurkers fan de sikehuzen omparte. Ferskillende kearen yn it jier wurde kreammerken holden yn bygl. sikehuzen. Fan de kant fan de Afûk wurde kreamtaskes levere, dy't útrikt wurde oan de oanwêzigen. Yn de taskes sit ynformaasje oer meartalich grutbringen en materiaal dat dêrfoar brûkt wurde kin, lykas de brosjuere Talen kleuren je leven, in nûmer fan heit&mem en in Tomke-boekje.

- tal kreamtaskes: 500 (dêrnjonken noch 1.350 foarljochtingstaskes foar oare mominten)

Echofotolistke

Sikehuzen, ferloskundigepraktiken en echoburo's rikke de fotolistkes út oan takomstige en jonge âlden. It fotolistke is foar âlders geskikt om harren echo goed te bewarjen en in moai plakje te jaan yn 'e hûs, mar biedt harren ek fiif fragen oangeande (mear)talich grutbringen dêr't de takomstige âlders yn de swangerskip al oer neitinke kinne.

- tal echofotolistkes: 1.550

Taalkado

Yn 2016 ûndergie it Taaltaske in metamorfoaze fan Taaltaske nei Taalkado: in nije, tapaslike namme – yn Fryslân krije bern ommers in taal kado – en in frisse, moderne 'look', mar mei itselde doel en boadskip as it Taaltaske. By de oanjefte fan de berte fan harren bern krije de âlders fan de Fryske gemeenten it Taalkado mei ynformaasje oer it meartalich grutbringen fan harren bern. It Taalkado wurdt gearstald troch de Afûk en de provinsje Fryslân en troch de provinsje bekostige. Yn 2016 hawwe der yn totaal fiif bestelmominten west en waarden goed 5.000 kado's ûnder de gemeenten ferspraat.

Konsultaasjeburo's

Sûnt 2015 wurdt der yn de gemeenten Súdwest-Fryslân en Littenseradiel op de konsultaasjeburo's omtinken jûn oan meartalich grutbringen. Dat bart yn it projekt 'Overdracht thuistaal', dat opset is mei help fan it Sintrum Frysktalige Berne-opfang (SFBO) en de Afûk. De Fryske Marren hat it oanbod yn 2016 oernommen en mei ferskate oare gemeenten wurdt sjoen nei mooglikheden om it oanbod ek yn te setten.

3.9. PraatmarFrysk kampanje

Doelen

- Friezen bewust meitsje fan harren eigen taal en identiteit en de mearwearde fan harren meartaligens.
- Drompels weinimme om it Frysk te brûken yn benammen it bedriuwslibben (winkels) en by de oerheden.

- It fergrutsjen fan de (permaninte) sichtberheid fan meartaligens (en/of it Frysk) yn it iepenbiere libben, benammen it bedriuwslibben, hoareka en toerisme, soarch en gemeenten.
- Emansipaasje fan it Frysk en syn brûkers.

Utgongspunten

1. Om in taal te brûken en te ûnderhâlden is it belangryk dat in persoan syn hiele libben lang dy taal op ferskillende plakken en manieren heart en ûnder eagen kriget.
2. De bernejierren en de pubertiid wurde sjoen as de krúsjaale perioade om in positive hâlding en posityf gedrach te ûntwikkelfjen foar in minderheidstaal oer en om te bepalen oft de taal brûkt en trochjûn wurdt. Frysk op skoalle is dêrfoar net genôch. De taal moat yn in bredere sosjaal-maatskiplike kontekst op in oansprekkende wize te sjen en te hearren wêze.
3. Dêrfoar is it belangryk dat taalpromoasje him foar in grut part rjochtet op de jongerein en de jongfolwoeksenen, op in wize dy't dy groep oansprekt, mei de media dy't dy groep brûkt en op dy plakken dêr't dy groep te finen is. Ut ûndersyk ûnder jongerein troch de Taalunie docht bliken dat de belangstelling foar taal prikele wurdt as dat op in kreative wize bart. It is wichtich om de foaroprinders yn dy groepen mei te krijen.
4. Om it Frysk op it wurk in plak te jaan is it nedich dat dêr in iepen klimaat foar is op de wurkflier. Yn Fryslân soe it foar elk mooglik wêze moatte om it Frysk op it wurk te brûken mei kollega's en tsjin klanten. Foar de klanten is it wichtich dat it Frysk ek sichtber makke wurdt en dat der bygelyks yn winkels/praktykromten/kantoaren fan grutte lanlike bedriuwen mei fêstiging yn Fryslân romte is om dêr ek yn it Frysk te kommunisearjen. Benammen yn it management fan de gruttere bedriuwen/ynstellingen/(semy)oerheden, mar ek by it personiel kin it taalbewustwêzen (*'Hoe sit dat no mei dy taal yn Fryslân?'*) noch groeie. Yn it midden- en lytsbedriuw is dat minder driuwend. Dêr sit it mei it taalbewustwêzen oer it generaal wol aardich goed, sa is ús ûnderfining.
5. It brûken fan it Frysk yn 'nije' media en op oare plakken, op in kreative en moderne wize, soarget foar de emansipaasje fan de taal, it wurket statusferheegjend en makket dat der in positive hâlding ûntstiet foar it Frysk oer.
6. It is by in soad minsken, bedriuwen en ynstellingen noch net genôch bekend hokfoar mooglikheden en produkten oft der binne as it giet om it Frysk en de posysje fan de taal yn Fryslân. Dat soe noch mear nei bûten ta brocht wurde en sjen litten wurde moatte.
7. De rol fan de mienskip is wichtich as it giet om it brûken en sichtber meitsjen fan it Frysk. Inisjativen út de mienskip wei wolle wy safolle mooglik stypje. Dochs is it faak sa dat dy inisjativen net samar ûntsteane. Minsken moatte op in idee brocht, ynspirearre en stipe wurde. Dêr sjogge wy foar ússels in belangrike rol yn.

Gearwurkje, ferbiningen lizze en ambassadeurs

Binnen de kampanje steane gearwurkjen en it lizzen fan ferbiningen sintraal. Wy binne altyd op syk nei ynteressante en nuttige partners. Op dit stuit is it sa dat wy foar in soad organisaasjes en bedriuwen in oantreklike partner binne om mei gear te wurkjen. Wy hawwe in grut berik, witte hoe't wy ús doelgroepen oansprekke moatte en bringe in soad

ekspertize en entûsjasme mei. Foar ús leit de útdaging der ek yn om just mei dy partijen gear te wurkjen dy't minder foar de hân lizze en dêr't it Frysk noch net in fanselsprekkendheid is, wylst it dat yn ús eagen wol wêze moatte soe.

Wy hawwe de ôfrûne perioade mei tal fan organisaasjes, bedriuwen en partikulieren gearwurke en dy gearwurkingsferbannen ûnderhâlde wy fansels ek. Fierder hawwe wy besocht om safolle mooglik ferbiningen te lizzen mei projekten en produkten dy't mei troch de Afûk útfierd wurde.

Algemeine kampanjematerialen

Yn 2016 wiene de neikommende materialen beskikber foar de kampanje:

- PraatmarFrysk talerútstikker
- PraatmarFrysk boomerangkaarten
- PraatmarFrysk buttons en pins
- PraatmarFrysk posters
- Rinze AB poster
- Opblaaslippen
- Balybuordsjes
- Mei ik wol oer-stikker
- Dit is in moai plak om te tútsjen-stikker
- Pipermint
- PraatmarFrysk stikker

De materialen kinne fine ús website fergees besteld wurde yn beheinde oantallen en mei in motivaasje. Foar spesjale aksjes en projekten kinne gruttere oantallen besteld/brûkt wurde.

Aktiviteiten

Social media

Om de ferdjipping en it omtinken foar lêzen en skriuwen mear hannen en fuotten te jaan op social media hawwe wy yn 2016 mei in fêst skema wurke:

- moandei: wurd fan de wike
- tiisdei: siswize fan de wike
- woansdei: gedicht fan de wike
- tongersdei: frisisme fan de wike
- freed: Frysk op 'e dyk

Twitterdei

Om 08.00 oere moarns stie op tongersdei 21 april de hashtag #Frysk al tusken de meast besprutsen ûnderwerpen op Twitter en ek #Frysketwitterdei hat lang yn de top 20 meidraaid.

Tûzenen twitterders ferstjoerden likefolle tweets en der waard fansels ek in soad retweet en antwurd jûn. De tweets kamen wer fan oer de hiele wrâld: fan Sweden oant Súd-Afrika.

Neist bekende Friezen en BN'ers lykas Jorrit Bergsma, Iris Kroes, Jelle B., Sietske Poepjes, Broken Brass Ensemble, Lammert de Bruin (EenVandaag), europarlemintariër Jan Huitema

en de minsken fan it tv-programma Jan Rijdt Rond, diene diskear ek wer in protte bedriuwen en ynstellingen mei oan de Fryske Twitterdei, lykas Tryater, Fries Museum, Politie Fryslân, Brandweer Fryslân, PostNL, Ziggo, ferskate restaurants, sportferieningen, korpsen, musea, biblioteken, skoallen en ferskate Fryske oerheden.

De hashtag #Frysk is by mear as njoggen miljoen minsken yn 'e tiidline ferskynd. Dat is twa miljoen mear as ferline jier.

Ynternasjonaal

Neist de Fryske Twitterdei wie der foar it earst ek in Ynternasjonale Twitterdei foar Lytse Talen, in inisjatyf fan PraatmarFrysk en Social Media Alba út Skotlân. Skotlân hat sûnt 2014 in eigen Twitterdei neffens Frysk foarbyld. Yn oerlis is besluten om beide Twitterdagen tenei op ien dei te hâlden en om oare lytse talen ek te stimulearjen om mei te dwaan.

Foar de PraatmarFrysk-kampanje is dat in moaie opmjitte nei Kulturele Haadstêd 2018 en de aktiviteiten dy't yn it ramt fan Lân fan Taal organisearre wurde. Boppedat paste it ek moai binnen it Tosta-projekt. Troch dizze aksje hat der yn 2016 al omtinken west foar it Frysk by ferskate mediakanalen yn Wales, Skotlân en Ierlân. Foar de ynternasjonale aksje waard de #TIML2016 brûkt. Doel is dat #TIML, dy't in berik hie fan sawat trije miljoen en benammen brûkt waard troch de Friezen en de Skotten, de kommende jierren hieltyd populêrder wurdt by mear lytse talemienkippen en ek brûkt wurdt op oare social media-kanalen.

PraatmarFrysk app

De nije funksjes fan de PraatmarFrysk app binne yn jannewaris 2015 beskikber steld yn in nije app. De Wat Wurd It-app is dêrmei yntegrearre yn de nije PraatmarFrysk app. Alle moannen komme der sa'n 100-150 nije suggestjes yn om ta te heakjen oan de database fan it wurdboek. Fierder hat de app fanwege nije systemen by Apple en eduFrysk in refyzje hân. Dêrneist is der sjoen nei it yntegrearjen fan it spulstje 'Blinder of Blunder' yn de app. Dat hat yn 2016 fierhinne syn beslach krigen en sil yn 2017 presintearre wurde.

WhatsApp

Sûnt augustus 2014 is PraatmarFrysk ek te berikken fia WhatsApp. Alle wiken komme dêr fragen yn oer de kampanje en it Frysk en wurde tips oan ús jûn foar Frysk op 'e Dyk of wurde der foto's stjoerd.

Instagram

Om de minsken in blik efter de skermen fan PraatmarFrysk te jaan sitte wy sûnt 2015 ek op Instagram. Wy hawwe no 376 folgers.

PraatmarFrysk kroechkwis

1 april: De Drie Gemeenten, Alde Leie, tal teams 10, dielnimmers 75 (+ omsittend laach)

14 okt.: Doarphûs De Terpring, Brantgum, tal teams 20, dielnimmers 100 (+ omsittend laach)

Presintaasje: Douwe Gerlof Heeringa, prizesponsoring troch de kroegen sels, Weidenaar waarst, Sonnema en Van der Eems drukkerij.

Organisaasje en promoasje Lyts en Grut Frysk Diktee

PraatmarFrysk die dit jier mei oan de organisaasje en promoasje fan it Grut Frysk Diktee, dat dit jier ek wer útstjoerd waard op Omrop Fryslân TV.

Bedriuwfilmkes

Der is in tal bedriuwfilmkes makke by:

- Lieven Bertels KH2018
- Kris Callens, Fries Museum
- Post Plaza, Ljouwert
- Mook Notarissen, Surhústerfean
- Skildersbedriuw Loonstra, Dokkum

Gastfrij Frysk

Yn 2016 hawwe wy in programma/workshop ûntwikkele foar bedriuwen.

Undernimmers leare om op 'en nij te sjen nei de eigenheid fan it bedriuw, de kultuer, de taal, de streek en de eigen identiteit en om dat op in natuerlike, autentike wize oer te bringen op harren gasten.

Yn maart en april 2017 wurdt de workshop Gastfrij Frysk op ferskate plakken yn de provinsje oanbean oan rekreative ûndernimmers.

De workshop bringt de ûndernimmer kennis by oer:

- It ûnderskiedende fan syn streek
- De skiednis, it lânskip, de kultuer en de minsken
- It brûken fan taal yn it bedriuw, de wearde fan meartaligens
- It tapassen fan de opdiene kennis yn it eigen bedriuw en de belibbing fan de gast
- It tapassen fan de opdiene kennis yn de online marketing fan it bedriuw

Bynt

Ien kear yn 'e moanne wie der spesjaal omtinken foar de Fryske taal yn Bynt. Anna Marije Bloem die de presintaasje (earste healjier 2016).

Taalpraatsje Muzyk yn Bedriuw

Alle wiken fersoargje wy tongersdeitemoarns in taalpraatsje yn it programma Muzyk yn Bedriuw. It praatsje giet oer ús aktiviteiten, saken dy't wy tsjinkomme op social media, taalûndersiken, nije produkten ensfh.

LearmarFrysk.nl - Blinder of Blunder

De "Beter Spellen"-site fan Fryslân, mei alle wiken 2x in nije opjefte.

It tal abonnees is sa'n 1.200.

Tal besikers website: goed 50.000.

Jubileum Kuieralvestêdetocht

Op 7 maaie koene de dielnimmers oan de Kuieralvestêdetocht genietsje fan Fryske poëzij dy't troch ferskillende dichters al meirinnende foardroegen waard. De dielnimmers koene ek mei Fryske útdrukkingen dy't mei rinnen te krijen hiene op de foto.

Stimmebank

De stimmebank wurdt geregeld rieplachte en ynset by it ynsprekken fan benammen apps en reklames.

LinkedIn

Tal leden LinkedIn-groep: 223

Sichtberens fan it Frysk

Frysk op 'e Dyk

Sels mei sichtberens is it sa dat it soms sa fanselssprekkend is datst it net iens mear sjochst. Dat jildt ek foar it Frysk yn Fryslân. Om dat wat al sichtber is foar it fuotljocht te heljen wolle wy safolle mooglik 'Frysk op 'e Dyk' sammelje en sjen litte. Dat dogge wy sels, mar wy roppe ek de mienskip op om ús dêrby te helpen. De foto's dy't makke wurde fan de Fryske nammen en uteringen (sawol fan partikulieren, oerheden as bedriuwen) sette wy wer op ús social media-kanalen en op in spesjale Tumblr-site (in kreative blochpagina). Der stiene ein 2016 915 foto's op de Tumblr-site. De foto's binne ek fia ús social media-kanalen ferspraat (op freed).

Baashimd-aksje

Yn juny hawwe wy yn gearwurking mei Baashimd alle 'bazen' yn Fryslân, d.w.s. bekende Friezen dy't in stânbyld hawwe yn Fryslân, in Baashimd oanlutsen.

Oersjoch sifers website en social media

Website

Yn 2016:

Tal besiken: 52.000

Tal besikers: 39.900

Twitter

Ein 2016 hiene wy 11.850 folgers.

Doelgroep: twitterders

Facebook

PraatmarFrysk hat ek in Facebook-pagina. Ein 2016 hiene wy 21.160 freonen.

YouTube

Yn 2016 hie ús YouTube-kanaal 35.500 views en 39.000 sjochminuten. Dus alle moannen waard ús kanaal sawat 3.000 kear besocht en waard der trochinoar 54 oeren yn 'e moanne nei ús filmkes sjoen. Ferline jier wie dat troch de hit 'Praat mar Frysk mei my' fan Jelle B. in stik mear. Dit jier lizze de views wer op it 'normale' trochsnee-oantal.

Oant safier 7-6

3.10. Lân fan Taal

It projektplan Lân fan Taal is yn 2015 ynbrocht by de koälysjeûnderhannelingen fan it nije provinsjale bestjoer en honorearre troch it nije kolleezje.

Mei Lân fan Taal wolle wy besikers fan Kulturele Haadstêd 2018 op in ynnovative en ferrassende wize bewust meitsje fan de rol fan taal yn it yndividuele en kollektive bestean. Lân fan Taal wurdt gjin museum foar behâld en beskriuwing fan de histoarje, mar in poadium dêr't taal ta libben komt en de besiker sels ûnderfynt wat taal foar him of har betsjut en ûntdekt wat de taal seit oer syn/har identiteit. Lân fan Taal wurdt ek in poadium en platfoarm foar it programmearjen fan artistike manifestaasjes, edukative aktiviteiten, kulturele eveneminten en debatten oer ûnderwerpen dy't oan taal relatearre binne (sjoch fierder it Projektplan Lân fan Taal).

Yn 2015 hawwe wy mei ferskillende minsken en partijen wurke oan it fierder ûntwikkeljen fan it plan. Siart Smit is as projektlieder oansteld foar Lân fan Taal.

Yn 2016 hawwe wy de plannen fierder ûntwikkele en konkretisearre. De Afûk fersoarget ferskate ûnderdielen binnen Lân fan Taal:

- Talepaviljoen
- Taletún
- Talekaravaan
- Talegame

Fierder wurket de Afûk yn de mande mei de Fryske Akademy/Mercator mei oan: in Fryske Mooc, it projekt Méértalige beleving en in kongres oer meartaligens. (sjoch fierder it Projektplan Lân fan Taal)

Tosta 2016

Yn septimber 2015 binne de tariedingen úteinset foar it ynternasjonale útwikselingsprojekt Tosta. Yn dat projekt wurkje sân organisaasjes út sân minderheidstaleregio's mei-inoar gear. It giet dêrby om: Baskelân, Galisië, Cornwall, Ierlân, Wales, Skotlân en Fryslân. Tosta is in inisjatyf fan Donostia/San Sebastian 2016. Foar Fryslân is de Afûk de organisearjende partij. Neist dy koördinearjende taken hat de Afûk de publisiteit/kommunikaasje fan it projekt dien. Yn 2015 hat de Afûk in publisiteitsplan skreaun en de website bouwe litten. Dêrneist is in oprop foar in artist in residency foar in Fryske keunstner dien. De útslach dêrfan is yn jannewaris 2016 bekend makke.

Yn maart-april hat in Ierske keunstner, Nuala Ní Fhlathúin, yn Fryslân west. Se hat seis wike wenne en wurke yn it âld suvelfabryk yn Marrum. Se hat dêrby stipe krigen fan Mirjam Vellinga op it mêd fan taal, Peter van Lier (dichter en bewenner) en Machiel Braaksma (byldzjend keunstner). Nuala hat in ynstallaasje makke en ferskate foto's: keunstwurken dy't te krijen hawwe mei de Fryske taal en it Fryske lânskip. Op 17 april is yn it suvelfabryk in spesjale middei organisearre, it Tij-festival, dêr't omtinken wie foar it Tosta-projekt en Other

Words, mei optredens fan Fryske en Ierske dichters, Fryske bands en byldzjende keunst. Der kamen goed tachtich minsken op ôf.

De Fryske keunstner Aukje Schaafsma hat nei Cornwall west yn maart-april en dêr in fideoynstallaasje makke. Se krige dêrby begelieding en stipe fan Golden Tree, de partner yn Cornwall.

Op 4-5-6 septimber is it Tosta-festival organisearre as ûnderdiel fan de Admiraliteitsdagen yn Dokkum. Op it festival wie spesjaal omtinken foar de Fryske taal en de oare talen út de dielnimmende regio's, de keunstwurken dy't de sân keunstners fan it Tosta-projekt makke hiene, in spesjaal optreden fan de Tosta-band (ek besteande út muzikanten út de sân dielnimmende regio's mei Marit Talens as Fryske dielnimmer). Dêrneist wiene der optredens fan Fryske bands en groepen, Fryske poëzij, wurkwinkels foar bern, boek- en taalpromoasje.

Tal besikers Tosta

Tusken 5.000 en 7.000. Ut de evaluaasje die bliken dat by 72% fan de besikers it taalbewustwêzen tanommen is en it bestean fan oare lytse talen. En dat 62% mear te witten kommen is oer oare kultueren en talen. Sawat elkenien hat him poerbêst fermakke.

Produkten fuortkommen út it Tosta-projekt

- in meartalige website, foarmjûn troch BWH Ontwerpers út Ljouwert
- in meartalich Twitter en Facebook-account
- sân keunstwurken, mei reizgjende útstalling, Fryske keunstner: Aukje Schaafsma, gastkeunstneres út Ierlân: Nuala Ní Fhlathúin
- in reizgjend festival, 4-5-6 septimber yn Dokkum ta gelegenheid fan de Admiraliteitsdagen
- in band mei dielnimmers út sân regio's, Fryske dielnimmer: Marit Talens
- de Tosta-song, mei fideoklip, foar in grut part opnommen yn Fryslân
- Tosta-cd (yn 'e maak)
- Hizki Mizki talegids, hoe en wat yn de sân dielnimmende talen
- Tosta-dokumintêre
- Tosta 'language management guide'

Partnerbyienkomsten

17-19 febr. Wales

4 apr. produksje besite Basken yn Fryslân

21-26 sept. Baskelân

Sjoch foar mear ynfo op www.tosta2016.eu

Hitzargiak

Afûk/Praat mar Frysk hat meidien oan it projekt Hitzargiak fan Donostia 2016. Doel fan dat projekt wie om good practices te sammeljen op it mêd fan taalpromoasje fan lytse talen yn Europa. Neist it oanleverjen fan dy good practices is der ek in kongres organisearre, dêr't PraatmarFrysk, Frysk yn it bedriuwslibben en de folwoeksene-edukaasje fan de Afûk presintearre binne. It kongres wie fan 22-24 juny yn Donostia, Baskelân. It kongres wie ek in moaie gelegenheid om potinsjele Europeeske partners te finen foar Lân fan Taal.

Sjoch ek: www.hitzargiak.eu

Blauw Wit '34

Blauw Wit '34 út Ljouwert sil yn 2018 in ynternasjonale fuotbaltoernoai organisearje. Nei ûnderling oerlis wurdt der no wurke oan in fuotbaltoernoai foar bern ûnder de 15 jier út minderheidstaleregio's. It toernoai sil plakfine yn de perioade fan it Wrâldkampioenskip Fuotbaljen en wurdt organisearre troch de klup. De Afûk sil û.o. helpe mei de ynternasjonale kontakten.

Friesland Free Tour

Sûnt 2016 is de Afûk ek ûnderdiel fan de Friesland Free Tour, dy't elke freedtemiddei om 15.00 oere oanbean wurdt oan toeristen en belangstellenden. Dielnimmers krije mear te witten oer it Frysk en Fryslân en leare ek in pear wurdjes Frysk. Under de dielnimmers sitte in soad bûtenlânske gasten.

Sjoch ek op: <http://www.aguidetoleeuwarden.nl/fryslantour/>

Fierder: advys jûn oan de sjoernalist Patrick Cox fan BBC America oer wa te benaderjen oer de Fryske taal; ynterview mei Eve Okura, University of Hawaii, foar it ûndersyk Language Revitalisation, wurklunsj mei de Ostfriesische Landschaft en wurkbesite oan Galway 2020 foar Lân fan Taal en útwikseling projekten taalpromoasje.

4. KULTUEROERDRACHT

Doel: nij perspektyf biede foar it oanbod, de ôfset en de produksje fan Fryske literatuer en it lêzen fan Fryske literatuer stimulearje.

Aksjes:

- It útjaan fan Frysktalige boeken
- It partisipearjen yn de Stichting Boeken fan Fryslân oangeande de promoasje en ferkeap fan Fryske boeken
- It stimulearjen fan it oanskaffen en lêzen fan Frysktalige boeken yn it fuortset ûnderwiis
- It útjaan fan it algemien-kultureel opinyblêd de Moanne

Utjeften

De Afûk is útjouwer fan Fryske boeken en learmiddels foar de kursussen en it hiele ûnderwiisfjild. Njonken de reguliere útjeften foar de kursussen hawwe wy yn 2016 yn totaal 36 útjeften fersoarge, dêrfan achttjin berneboeken (ynklusyf printeboeken) en jeugdboeken, acht útjeften mei literêre fiksje, acht mei non-fiksje. Fan dy 36 boeken gie it njoggen kear om in werprintinge. Belangrike boeken kwa ferkeap wiene 'Foar altyd yn ús hert', it 'Groat Amelander Woa'deboek', 'Goaiïngahuzen, in machtich plakje' en 'Jip en Janneke yn it Frysk'. Op 12 maaie 2016 presintearre de Afûk syn tûzenste útjefte: 'Skelte wol in skelter ha' fan Joke Scheffer en Anna Sikkes. Koen Eekma hat it earste eksimplaar oanbean oan wethâlder Jaap Hijma fan Ferwerderadiel. Bern út groep 2 fan de skoallen yn dy gemeente krigen it boek kado fan de gemeente. De Afûk hat Ferwerderadiel útkeazen, omdat dat in gemeente is mei in aktyf Frysk taalbelied.

Boeken fan Fryslân

Om de ferkeap fan Fryske boeken te stimulearjen hawwe de Fryske útjouwers yn 2010 it inisjatyf nommen om de Stichting Boeken fan Fryslân op te rjochtsjen. De útfiering fan de aktiviteiten fan Boeken fan Fryslân is yn hannen fan de Afûk, mei alternative ferkeappunten, boekekisten foar skoallen en it Boek fan de Moanne yn de boekhannels.

Lêsbefoarderingsprojekt Lês No: Wês net bang

Yn 2014 waard de Afûk troch it Platfoarm Lêsbefoarderding Fryslân frege om lesmateriaal te ûntwikkeljen foar in nij lêsbefoarderingsprojekt, dat troch de Stichting Lezen subsidiearre wurdt. It doel is om de jongerein yn it earste jier fan it fuortset ûnderwiis in Frysk boek lêze te litten. Ferline jier waard de yn opdracht skreaune útjefte *De deikoersen fan Remco* fan Bart Kingma ynset. De jongste edysje, *Wês net bang (mar wol foarsichtich)* fan Hanneke de Jong, waard ynset yn jannewaris 2017, mar de tarieding wie yn 2016. De measte skoallen binne fuort nei de krystfakânsje úteinset en hawwe seis wiken wurke oan it projekt. It projekt bestie út de folgjende produkten: in spesjaal foar it projekt skreaune jeugdroman, in jeugdsearje fan Omrop Fryslân, in audio- en meilêsferzje fan niisneamde novelle, in searje lessen mei oansprekkend lesmateriaal en in dosintehantlieding. By it projekt is sawol de searje besjoen as it boek lêzen. Sjoch op www.omropfryslan.nl/skoalty om de searje te besjen. De lesbrief fungearre as 'spoarboekje'. Boek en searje hawwe elkoar fersterke. Uteinlik hawwe 4.070 learlingen, ferdielt oer 149 klassen en 31 skoallen, meidien oan it

projekt. De Afûk hat it (les)pakket opnommen yn *Searje 36*. De audioferzje fan it boek kaam ek beskikber yn it learplatoarm eduFrysk.

Foarlêskampioenskip

Yn de Fryske Foarlêswike waard ek de finale fan it foarlêskampioenskip holden. Yn de teäterseal fan NHL-Hogeschool strieden bern fan njoggen skoallen om de titel Frysk Foarlêskampioen 2016. Uteinlik gie Amarens Louwsma fan basisskoalle De Wyngert út Drachtsterkompenije mei de titel nei hûs. Sy lies foar út 'Keutels by de kofje' fan Auck Peanstra. By de finale hiene de skoallen allegearre harren fans meinommen en de seal siet mei sa'n hûndert minsken goed fol. De sjuery, dy't bestie út Tjitske van Dijk (Afûk en tantetjits.nl), Albert van der Tuin (NHL Hogeschool) en Janny Bottema (Stichting It Fryske Berneboek) beoardielen de bern op toan, klam, kontakt mei it publyk, gebrûk fan de stim en fersteanberens. Tusken de bedriuwen troch koene de finalist en harren fans genietsje fan optredens fan Sander Metz. Foar alle skoalkampioenen wie der oan 'e ein fan de middei in boekepakket. De winner gie dêrneist nei hûs mei in spesjale spjelde en in grut boekepakket. It foarlêskampioenskip wurdt organisearre yn gearwurking mei Bibliotheekservice Fryslân, Cedin, NHL, Stenden en wurdt koördinearre troch de Afûk en Tresoar.

de Moanne

De Afûk hat yn 2016 yn opdracht fan Stichting de Moanne seis útjeften (ien dûbeldik nûmer) fan it algemien-kultureel opinyblêd de Moanne fersoarge. Neist de papieren útjefte wurdt ek de website fan de Moanne aktyf ûnderholden mei aktuele bydragen en is der op ferskate jûnen in live-aktiviteit organisearre. Fierders wiene der ferskate Moanne Live-aktiviteiten lykas - yn gearwurking mei it tydskrift Noorderbreedte - in poëzyjûn yn de greide by fûgelboer Murk Nijdam fan Wommels. Dêrneist wie der in gearwurking mei Keunstwurk: in debatsearje oer keunst yn Fryslân. Ta einbeslút waard der oparbeide mei Explore the North en hawwe wy in poëtyske foto-eksposysje organisearre op it UIT-Festival yn Ljouwert. De Moanne is fierder aktyf op Facebook en Twitter.

5. CULTURAL GOVERNANCE

De Afûk hat in bestjoer en in advysried. It bestjoer wol útfiering jaan oan de oanrekommandaasjes oangeande Cultural Governance. It hat dêr yn de ôfrûne jierren yn syn gearkomsten geregeldwei omtinken oan jûn.

Gearstalling bestjoer yn 2016

de hear Eric ter Keurs, foarsitter
mefrou Grytsje Durkstra, skriuwer (ôfgeand)
de hear Wybe Sierksma, skathâlder
mefrou Geesje Duursma, skriuwer
mefrou Annigje Toering, lid
de hear Tjalling van der Goot, nij lid

De Afûk hat gjin bestjoerders, tafersjochhâlders, direksjeleden of meiwurkers yn tsjinst dy't boppe de Fryslân-noarm fan € 144.000 bruto jiers beleanne wurde.

Gearstalling advysried yn 2016

Justysje	de hear Oebele Brouwer, lanlik resjerzje-offisier (foarsitter)
Bedriuwslibben	mefrou Gelkje Schotanus, Sonnema, Boalsert
Oerheid	de hear Tom van Mourik, boargemaster Menameradiel
Soarch	de hear Frits Mostert, foarljochter MCL, Ljouwert
Underwiis	de hear Wiebe Wieling, bestjoerder Piter Jelles, Ljouwert
Toerisme	mefrou Hilda Boesjes, direkteur Ir. Woudagemaal, De Lemmer
Bedriuwslibben	de hear Geert-Jan Douma, Douma Staal, Snits